



# Ynlieding

## **Gearfetting fan de útgongspunten**

By it oanpassen fan de 'Proeven voor de Eredienst' aflevering 3 *Doop en Belijdenis* (1993) hat de Redactie Dienstboek him liede litten troch de ûndersteande útgongspunten. Dy binne nau besibbe oan de útgongspunten fan de oarspronklike oanset, dy't troch de lytse synoade op 16 maaie 1992 as rjochtingjaand foar de fierdere útwurking fan *Doop en Belijdenis* oannommen binne.

1. Troch de doop wurde minsken yn de gemeente fan Kristus, it Lichem fan de Hear, opnommen.
2. Mei Kristus wurde wy doopt yn syn dea om mei Him opwekke te wurden (Romeinen 6:4). De oarder foar de betsjinning fan de doop kriget stal út de fiering fan it peaskefeest wei. Dêrnjonken wurde yn dy oarder foar de doop de aspekten fan ferbûn, reiniging en bekearing útwurke.
3. Yn de doop komt it heil fan God as belofte op ús ta. Dy belofte is earder as ús libben en giet altyd oan ús leauwen foarôf. De genede fan God draacht skepping en ferlossing. De betsjinning fan de doop kin dêrom net kondisjonearre wurde troch watfoar died fan leauwen fan ús kant ek.
4. Yn de oarders I wurdt op dat absolute karakter de klam lein, troch de fragen oan de âlden en dooptsjûgen te stellen nei de doophanneling. It is ek mooglik, lykas yn de oarders II bart, om de fragen foarôfgeand oan de doophanneling te stellen, sûnder dêr de doop ôfhinklik mei te meitsjen fan it leauwen fan de dopeling of fan harren dy't de dopeling yn tsjerke brocht hawwe.
5. De doop fan tatebern likegoed as dy fan folwoeksenen is in folsleine doop. Yn de oarders fan tsjinst wurdt dat troch parallele foarmen sichtber.
6. Wa't as tatebern doopt is, sil op in letter stuit de doop aktyf meistimme.





7. De doopbetinking is in weromkommende akte fan meistimmen mei de doop. Dy hat yn prinsipe syn plak yn de fiering fan it peaskefeest. Wurdt op oare sneinen troch it jier hinne doopt, dan wurde de leden fan de gemeente as dooptsjügen alle kearen wer by harren eigen doop bepaald.

8. De iepenbiere belidenis is it yndividuele meistimmen mei de doop, ferbûn mei de doopbetinking fan de hiele gemeente.

9. De doop is ynderlik mei it nachtmiel ferbûn, mei't de tafelenoaten yn prinsipe doopt binne.

10. De Redactie Dienstboek hat yn de (doop)oarders de ûnderdielen opnommen dy't it breed droegen BEM- (*Baptism, Eucharist and Ministry*; Doop, eugaristy en amt) of Lima-rapport fan de Wrâldried fan Tsjerken (1982) oanrikt: de ferkundiging fan de Skriften oer de doop; it oanroppen fan de hillige Geast; it fersaakjen fan it kweade; in belidenis fan it leauwe yn Kristus en de hillige Trije-ienheid; it brûken fan wetter; it ferklearjen dat de doopten in nije identiteit krige hawwe as soannen en dochters fan God en as leden fan de tsjerke, roppen om tsjügen fan it evangelje te wêzen. De Redactie Dienstboek jout him fierder rekkenkip fan doopoarders dy't fan dy basis út ûntwikkele binne, benammen fan de oekumenyske doopoarder (1992) dy't troch de Raad van Kerken in Nederland oannommen is.

11. De oarders meitsje it mooglik dat âlden yn deselde tsjinst dêr't harren bern yn doopt wurde, earst sels doopt wurde en/of iepenbiere belidenis ôflizze.

12. De struktuer fan de oarders fan tsjinst foar de doop fan folwoeksenen, foar de doop fan bern en foar de doopbetinking en belidenis is yn grutte halen identyk. Allinnich de gelofte kin op twa plakken foarkomme. De eleminten fan dy struktuer binne: ûnderwizing en presintaasje, doopgebed, belidenis, ôfkear en takear, geloften (oarders II), doop en hânoplizzen, geloften (oarders I), ferwolkoming, lofliet.

### **Presintaasje fan wa't har op de doop tariede**

Yn dit Tsjinstboek is in oarder opnommen, dêr't folwoeksenen dy't har by de gemeente foar de doop oanmelde, oan de gemeente yn presintearre wurde; by dat begjin fan harren wei nei it doopfont krije se in seine mei.





Dy oarder kin ek brûkt wurde as it begjin fan in koart doop-ûnderrjocht oan in seis- of sânjierrige foarôfgeand oan har/syn doop. As de gewoante bestiet om geregeldwei mei de bern in trajekt te folgjen dat op har earste dielnimmen oan de fiering fan it Miel fan de Hear útrint, soe it doopûnderrjocht oan bern dêrby oanslute kinne.

In gaadlik stuit foar de presintaasje fan folwoeksenen en/of bern dy't graach doopt wurde wolle, is yn in tsjinst oan it begjin fan de fjirtich dagen.

### **De seiniging fan tatebern op de wei nei de doop**

Om ûnderskate reden kinne âlden derfoar kieze om foar de bern (tatebern) dy't har tabetroud binne de doop net oan te freegjen. Hja binne tankber en bliid mei dizze bern en nimme har foar om har yn de rûnte fan de gemeente fertroud te meitsjen mei it leauwe dat hja sels belide. Se hoopje dat har bern letter graach doopt wurde wolle. Dat kin op it stuit dat de bern meidwaan sille oan de fiering fan it Miel fan de Hear. It is ek mooglik dat de bern net earder doopt wurde wolle as wannear't se folwoeksen binne.

As âlden om in seine foar harren bern yn it fermidden fan de gemeente freegje, dan fersteane we dy seine as begjin: hja wurde op de wei nei it doopfont set. Dêr slute we min ofte mear mei oan by de âlde tradysje fan it kategumenaat as tarieding op de doop. Wy beseffe dat de doopraktyk yn it iere kristendom oars wie as no. Oan de doop fan minsken en harren hûs gong in tiid fan kategumenaat foarôf. Fan de fjirde ieu ôf waard de doop lykwols hieltyd fierder útsteld. It kategumenaat koe jierren duorje en feroare fan tarieding op de doop ta in healkristlike steat fan libjen. Bern waarden pas doopt as har âlden dy stap setten. Oant dy tiid wie harren plak yn tsjerke dat fan kategumeen. Hja waarden ynskreaun, tekene mei it krús en krigen (as teken tsjin bedjer en sûnde) sâlt te priuwen. Neamde eleminten helpe ús om in eigentiidsk ritueel foar it seinigjen fan tatebern op de wei nei de doop te ûntwikkelfjen. Oarder I is dêr in oanset ta.

It seinigjen fan in krektberne bern wurdt ek wol 'opdrage' neamd. Bibelsk sprutsen betsjut dat 'biddendewei by God oanrikkemandearje'. It kin betiizjend wêze as oare teksten no ek meiklinke. Samuël waard troch syn mem nei it hûs fan de Ivige brocht (1 Samuël 1:24-28); om him oan de Ivige ôf te stean. En it evangelje oer it opdragen fan de Hear yn de timpel seit dat Joazef en Maria Jezus nei Jeruzalim ta broch-





ten om him oan de Hear 'foar te stellen' [NBG]/'oan te bieden' [KBS en NBV]/'op te dragen' [NFBO] (Lukas 2:22). As it 'opdragen' oan dy ferhalen tinken docht, makket dat dy term ûngaadlik foar it seinigjen fan bern yn tsjerke. Fan in assosjaasje mei in offer dat oan God opdroegen wurdt, of it wijen fan ús bern oan God troch har ôf te stean, is hjir gjin sprake. Dêrom is hjir foar it 'seinigjen' keazen dat in 'biddend oanrikkemandearjen' ynslút.

## **Doop en belidenis**

### *Tiid*

Beskievend foar it momint dat de doop betsjinne wurde kin, is de kar dy't de tsjerken fan de Reformaasje by einsluten makke hawwe om de doop yn it fermidden fan de gemeente te betsjinjen. Omdat yn de doop de klam op it ynliivjen yn it Lichem fan Kristus leit, wurdt de doop betsjinne yn de gearkomste fan de gemeente. De fiering fan de dei fan de Hear as betinking fan syn opstanning is dêrom de gaadlikste gelegenheid om de doop te betsjinjen.

Der binne mominten yn it liturgysk jier dy't har yn it bysûnder foar it fieren fan de doop liene. It seit himsels dat yn earste ynstânsje op de peaskefiering fan de gemeente wiisd wurdt. Dêr't it gebrûk wurden is om de Peaskewacht te fieren as it hert fan it peaskefeest, sille grif yn dy nacht de doop, belidenis en de doopbetinking in plak krije. Yn oare gemeenten sil dat de Peaskemoarn wêze. Doop en belidenis kinne ek op de fyftichste peaskedei holden wurde; mei Pinkster fiert de gemeente ommers dat de Geast fan de Hear in nij begjin makket.

By it stellen fan tiid en gelegenheid moat betocht wurde hoe't in ferbining mei it needsaaklike doopûnderrjocht lein wurde kin. Fan âlds jildt de fjirtichdage tiid as in tiidrek fan tarieden op de doop yn de Peaskenacht, en de advinttiid as tarieding op de doop mei Epifany (de snein fan de doop fan de Hear).

### *Plak yn tsjerke*

It plak yn it tsjerkegebou dêr't de doop betsjinne wurdt, freget apart omtinken. Lykas hjirboppe útlein is, is dêr it útgongspunt by dat it betsjinjen fan de doop om in eigen foarm freget. As de mooglikheid bestiet om in eigen romte te meitsjen foar it doopfont mei de peaskekears dy't dêrby heart, dan moat om in plak socht wurde dêr't safolle mooglik gemeenteleden 'omstan-





ners' wurde kinne (ferlykje TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel I, side 939). Sa kin ûnderfûn wurde dat se dielgenoaten yn it betsjinjen fan de doop binne.

**Plak yn de tsjinst op sneintemoarn**

It ynfoegjen fan de betsjinning fan de doop yn de sneintemoarnstsjinst jout twa mooglikheden.

Dêr't doopfont en peaskekears in plak fuort by de yngong fan de tsjerke krige hawwe en de gemeente dêromhinne sammele wurde kin, is it mooglik om de betsjinning fan de doop in plak oan it begjin fan de tsjinst te jaan. Sadwaande kin elkenien har/syn doop betinke alle kearen as se/er nei it hûs fan de Hear opgiet.

In oare reden om de doop by de yntree yn de earetsjinst te betsjinjen is de winsk om de ienheid fan de tsjinst fan de Skrift en it fieren fan it Miel fan de Hear net te ferbrekken. Yn beide gefallen kin de tsjinst sa begûn wurde:

(Groet)

Bemoediging

Gebed fan neierkommen

Psalm

*bygelyks Psalm 42 (1, 2, 4 en 7), ûntliend oan de klassike doopfiering yn de Peaskenacht*

Betsjinning fan de doop

Nei it lofliet wurdt de tsjinst fuortset mei it gebed fan de snein of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast.

It betsjinjen fan de doop kin ek nei de preek ynfoege wurde. Fan âlds hawwe dêr de belidenis fan it leauwe en de gebeden har plak. Yn de tsjinsten dêr't de doop in eigen aksint kriget, is dat plak dêrom tige gaadlik. De preek kin dan tagelyk doopûnderrjocht wêze. Sa wurde – neffens oarspronklik reformatoarysk gebrûk – preek, ûnderrjocht en doopbetsjinning streekrjocht mei-inoar ferbûn. It kin dan sa ynpast wurde:

Preek

(Doop)liet

*by de doop fan bern wurde ûnder it sjongen fan dit liet de dopelingen ynbrocht*

Betsjinning fan de doop





Nei it lofliet wurdt de tsjinst fuortset mei de gebeden en it ynsammeljten fan de jeften.

### *Struktuer fan de fiering*

De liturgyske foarm fan it betsjinjen fan de doop oan bern en folwoeksenen fynt syn útgongspunt yn it fûneminteel gearhingjen fan belidenis en doop. De oarder foar de betsjinning fan de doop tekenet de wei dy't de dopeling giet:

- de *ûnderwizing* tsjinnet as gearfetting fan it foarôfgeande doopûnderrjocht;
- yn de *presintaasje* wurde de dopelingen oan de gemeente bekend makke. Frege wurdt nei it begearen fan de dopeling om doopt te wurden, of fan de âlden/dooptsjûgen dat harren bern doopt wurde sille;
- it *doopgebed* betinkt hoe't God fan Noach ôf minsken troch it wetter hinne rêdt en fan skuld suveret. Mei in berop op de heilsdieden fan God wurdt bidden dat yn it teken fan wetter de Geast oer de dopeling feardich wurde mei;
- yn de *belidenis: ôfkear en takear* wiist de hiele gemeente de machten fan it kwea tebek en beliidt se har leauwe yn God de Heit en de Soan en de hillige Geast;
- de *doop* troch oerjitten of ûnderdompeljen is foar de dopeling it teken fan de rêding út de dea en it reinigjen ta in nij libben;
- it *hânoplizzen* is in sichtber gebed om de jeftige fan de Geast;
- doop en hânoplizzen kinne folge wurde troch *ferklearjende hannelingen* dy't de kommende wei fan de dopelingen of learlingen yn it leauwe ek oantsjutte;
- folwoeksenen lizze by harren doop en/of belidenis in *gelofte* ôf, dêr't se harren plak yn tsjerke en mienskip mei op har nimme. Alden en tsjûgen nimme yn de geloften de taak op har om dyjingen dy't doopt binne, by harren doop te bewarjen. Dy gelofte kin likegoed nei (oarders I) as foar (oarders II) de betsjinning fan de doop dien wurde;
- yn de *ferwoelkoming* wurde de doopten, de âlden/tsjûgen en de hiele gemeente mei-inoar ferbûn op de wei fan it gebed en in libben yn de ferwachting fan it keninkryk fan God.

Yn skema set ûnstiet dêrby it neikommende byld:





---

fêste eleminten

*fariabele eleminten*

---



**presintaasje**

ûnderwizing  
presintaasje  
doopfraach (yn oarders I)  
fraach nei de namme

*persoanlike  
ferantwurdig*

**doopgebed**

**belidenis**

ôfkear en takear

**geloften (yn oarders II)**

gemeente  
learling yn it leauwe/dopeling  
âlden/tsjûgen  
doopfraach  
fraach nei de namme (by folwoeksenen)

**doop en hânoplizzen**

gebed om de Geast (by folwoeksenen)  
doop  
hânoplizzen

*beklaaiïng mei it  
doopkleed  
oerjaan fan de  
doopkears*

**geloften (yn oarders I)**

learling yn it leauwe/dopeling  
âlden/tsjûgen

**ferwolkoming**

ynheljen troch de gemeente  
fredegroet

**lofliet**

---







# Taljochting

## Ferskillende oarders

It haadstik 'Doop en belidenis' yn dit tsjinstboek biedt oarders foar de neikommende situaasjes:

Presintaasje fan wa't har op de doop tariede

Seiniging fan tatebern op wei nei de doop

Belidenis en doop fan folwoeksenen

Doop fan bern

Doop fan in bern fan seis jier ôf

Belidenis

Belidenis (en doop) fan folwoeksenen en doop fan bern

Nei dy oarders folgje lietesuggestjes foar doop en belidenis.

Boppe de oarders stiet Oarder I of Oarder II. Dat hat te krijen mei de twa modellen dy't der binne. Yn oarder I komme de geloften fan de learlingen yn it leauwe of de doopâlden nei de doop respektivelik it hânoplizzen. Dy folchoarder slút oan by de foarige útjefte, *Ta de earetsjinst III, Doop en belidenis (1993)*. Yn oarder II geane de fragen foarop en rinne se út op de winsk om doopt te wurden, de eigen doop mei te stimmen of it bern dope te litten. Dat hat ek gefolgen foar de presintaasje (sjoch de taljochting dêrop). Fierders binne de oarders I en II gelyk.

Dêrneist wurdt in wertaling jûn fan formulieren út de sechtjinde ieu: foar de doop fan folwoeksenen en foar de doop fan bern, en foar de belidenis. Dy wertaling is foaryn dit tsjinstboek ferantwurde en taljochte.

Twa rituelen kinne oan de doop foarôfgean: de seiniging fan tatebern op wei nei de doop, en in presintaasje fan wa't har op de doop tariede.

As learlingen yn it leauwe (folwoeksenen of bern fan seis jier ôf) mei Peaske doopt wurde sille, kinne hja oan it begjin fan de fjirtich dagen oan de gemeente foarsteld wurde. Dêr is de oarder foar de *Presintaasje fan wa't har op de doop tariede* foar ornearre. Wa't mei Epifany doopt wurdt (de sneins fan de doop fan de Hear), kin oan it begjin fan de advinttiid oan de gemeente foarsteld wurde.

De presintaasje hat syn plak nei it gebed fan de snein. Dat hat te krijen mei de tradysje fan de fjirtich dagen as



doopûnderrjocht. De lêzingen yn dy perioade binne fan âlds in ûnderdiel fan de kategeze. Dêrom begjint it ûnderrjocht oan de learlingen, nei't se oan de gemeente foarsteld binne mei de iepening fan de Skrift.

De presintaasje bestiet út:

- de *fraach* wat de doopkandidaten yn tsjerke sykje;
- in *gebed* (nei't it útkomt foar folwoeksenen of foar bern);
- in *skriftwurd*;
- in *krústeken* en *seine* (mei wurden foar folwoeksenen of bern).

Dan folgje de lêzingen fan de snein.

As âlden leaver wolle dat harren bern letter doopt wurde (sjoch: *Doop fan in bern fan seis jier ôf*), mar wol graach wolle dat se nei har berte of adopsje yn it fermidden fan de gemeente seinige wurde, kin de oarder foar de *Seiniging fan tatebern op wei nei de doop* brûkt wurde. Yn dy oarder wurdt it bern as learling yn it leauwe yn de gemeente opnommen. De seiniging hat syn plak foar de foarbea. De opbou sjocht der sa út:

- in *presintaasje*, dêr't it bern en de âlden yn oan de gemeente bekend makke wurde;
- in *fraach* nei it begearen fan de âlden; op dy fraach folgje yn dizze oarder gjin belidenis fan it leauwe en gelofte: dy komme by de doop;
- in *hânoplizzen*, foarôfgien troch it oanroppen fan de hillige Geast. Yn de karteksten by dat hânoplizzen klinkt it begearen troch dat it bern, lykas yn it ierkristlike kategumenaat, it Us Heit leart te sizzen;
- in liet as *akklamaasje*.

Nei de tsjinst wurdt de nije learling yn it leauwe yn it tsjerklik register ynskreaun.

Yn de oarder foar de *Doop fan in bern fan seis jier ôf* is oan it begjin (yn de presintaasje) sprake fan de wei nei it doopfont, dy't de âlden mei harren bern gien binne. Oars as by de doop fan tatebern mei it bern sels sizze dat it doopt wurde wol. Likegoed wurdt it net persoanlik oansprutsen by de belidenis: ôfkear en takear wurde frege fan de âlden, en fan de gemeente as tsjûge. De eigen belidenis komt op it stuit dat it as folwoeksene har of syn doop meistimme wol.

Yn ien tsjinst kinne mear as ien ding tagelyk oan de oarder wêze:





de doop fan folwoeksenen en bern; belidenis fan folwoeksenen en doop fan bern; of folwoeksenen dy't doopt wurde en folwoeksenen dy't al doopt binne, dy't belidenis dogge. Yn de oarder foar de *Belidenis (en doop) fan folwoeksenen en doop fan bern* is alles byinoar brocht: folwoeksenedoop en bernedoop en belidenis.

It mei-inoarop gean fan alle mooglikheden sil faaks net in protte foarkomme. Bygelyks: wa't de doop fan folwoeksenen en bern kombinearje wol, moat dêrom út dy oarder weilitte wat spesifyk op it me stimmen mei de doop rjochte is. By me stimmen mei de doop en bernedoop ferfalt wat oer folwoeksenedoop giet. En as der allinnich folwoeksen learlingen binne (dêr't guon fan doopt wurde en oaren harren doop me stimmen) wurdt weilitten wat de bernedoop oanbelanget.

By de kombinaasje fan doop fan folwoeksenen en me stimmen mei de doop troch folwoeksenen moat goed op de (skeanprinte) oanwizings achtslein wurde: wurdt de folsleine groep oansprutsen, dan wurde se 'learlingen yn it leauwe' neamd. Wurde se apart oansprutsen – soms fuort nei-inoar – dan is de beneaming ferskillend: wa't doopt wurde hjitte 'dopelingen' en dy't har doop me stimmen '(oare) learlingen yn it leauwe'.

### **Gong troch de oarders**

De doop kin oan it begjin fan de tsjinst betsjinne wurde of op it plak fan it credo (nei de preek). De liturgyske kleur is wyt; ûnder de fiering wurdt fan kleur wiksele. Om it doopfont mei wetter hinne – dêr't eventueel noch wetter by yn getten wurdt – sammelet him, as it om de romte kin, de hiele gemeente. Yn alle gefallen steane dêr dyjingen dy't doopt wurde en/of belidenis dwaan sille, de doopâlden en eventuele tsjûgen, de foargonger en de âlderling. De dooptsjûgen steane foar it tsjûgewêzen fan de hiele gemeente.

De oarder dy't dan folget, bestiet út de neikommende ûnderdielen:

#### *Underwizing*

Oan it betsjinjen fan de doop giet gewoanwei in talieding yn kategeze en pastoraat foarôf. Dat jildt likegoed foar folwoeksenen dy't doopt wurde of harren doop me stimmen as foar wa't harren bern doped litte. Yn it fermidden fan de gemeente wurdt dy talieding gearfette yn de ûnderwizing en de presintaasje. De ûnderwizing bestiet út de tekst út Romeinen 14 (dat wy de Hear sines binne as wy libje en as wy stjerre), in ferwizing nei de doop





fan Jezus sels en syn opdracht om te dopen út Mattéus 28.

Yn stee fan dy ienfâldige ûnderwizing binne ek mear út-wreide foarmen fan 'didaktyske liturgy' mooglik. Der wurde trije karteksten jûn, dy't yn 'e mjitte komme oan it ferskaat yn efter-grûn fan gemeenteliden om ta harren doop of belidenis te kommen of de doop foar harren bern te begearen.

De ûnderwizing *De belofte fan it ferbûn* leit in ferbân tusken it ferbûn dat God oan Abraham en syn neiteam tasein hat en de belofte om yn Jezus Kristus alle folken yn de seine fan dat ferbûn diele te litten. Dy tekst kin brûkt wurde by it dopen fan bern. De ûnderwizing *Doopt yn de namme fan de trije-ienige God* besjocht de doop út de belofte fan God de Heit, de Soan en de hillige Geast wei. Dêr komme de aspekten fan it bernwêzen, reinigjen en hilligjen by oan 'e oarder. Dy tekst is gaadlik foar de doop fan folwoeksenen likegoed as foar dy fan bern. De ûnderwizing *Seinige de Namme fan de Hear* set yn by it neifolgje wollen fan de Hear en de fernijing fan it libben. Tagelyk is sprake fan salving mei de jeften fan de Geast en it tsjûge wêzen fan Kristus. Dy tekst is bedoeld foar de doop fan folwoeksenen.

#### *Presintaasje*

Nei de ûnderwizing wurde de dopelingen, doopâlden en learlingen dy't belidenis dwaan sille, oan de gemeente foarsteld. Dat wurdt troch in dooptsjûge dien of oars troch in âlderling. Fan âlds is dat de rol fan de tsjûge: in nij lid yn de gemeente presintearje. By de doop of belidenis fan folwoeksenen komt de tsjûge allinnich op dit plak oan it wurd; by de doop fan bern is de rol fan de tsjûgen grutter: mei de âlden beântwurdzje hja de fragen dy't har steld wurde, op ferskillende mominten.

Yn oarder I folget hjir de fraach nei it begearen, sels út te sprekken of ienfâldich mei te stimmen. Yn oarder II komme fraach en meistimmen lyk foar doop en hânoplizzen. Sadwaande hat dy oarder in koartere presintaasje.

De fraach nei de namme leit by de doop fan tatebern yn 'e reden: âlden sille de namme dy't it bern krige hat, graach yn de gemeente útsprekke. Ek by de doop fan folwoeksenen hat dy fraach doel: ropnamme en doopnamme binne net altyd gelikens; boppedat kin in doopnamme oan de besteande foarnammen tafoege wurde.

Dêrnei kin tsjûgenis ôflein wurde fan persoanlike motiven ta





doop en/of belidenis. Seit de ûnderwizing wat oer it doopûnder-  
rjocht dat folge is, de ein fan de presintaasje kin wat fan de eigen  
ûntjouwing op de wei fan it leauwe ûnder wurden bringe.

### *Doopgebed*

De foargonger sprekt in gebed oer doopwetter en dopelingen  
út. Yn dat gebed wurde de dieden fan God dy't syn bern rêdt  
út de dea, troch it wetter hinne, yn it sin brocht. It gebed wiist  
it wetter oan as doopwetter, suverjend en befrijend, troch de  
Geast dy't de dopeling diele lit yn it libben fan Kristus. Der  
binne fiif karteksten: trije doopgebeden dy't wy al kenne út *Ta  
de earetsjinst III*, it klassike sûndfloedgebed út de tiid fan de  
Reformaasje en it nije doopgebed 'De do fan de Joraaan'.

### *Belidenis: ôfkear en takear*

De belidenis set mei it âldkristlike ôfswarren fan alle kweade  
machten en it jin bekearen ta God yn. De takear nei Kristus  
wurdt streekrjocht ferbûn mei it jin ôfkearen fan it kweade (ferl.  
Hannelingen 2:38 'Bekear jimme, en dan moat elk fan jimme  
him dope litte'). Mei de dopelingen, learlingen en doopâlden  
dielt de gemeente, dy't as dooptsjûge om it doopfont hinne stiet,  
yn dat ôfswarren en beliden. Sa betinkt elkenien syn/har eigen  
doop.

Foar de ôfkear wurde twa teksten oanbean: in twaslach,  
ienris beântwurde, of in trijeslach, trije kear beântwurde. Dy  
lêste tekst bestiet al langer (*Ta de earetsjinst III*; en TSJINSTBOEK –  
*in oanset*, diel I, side 142, de doopbetinking yn de Peaskewacht);  
yn stee dêrfan kin no de koartere tekst ek keazen wurde.

De takear kriget stal yn de apostoalyske belidenis fan it  
leauwe, steld yn de freegjende foarm. It Apostolicum kin ek  
mei-inoar sein of songen wurde. De ôfkear sit dan yn de oprop:  
'... sis tsjin alle kweade machten yn wat de tsjerke beliidt ...'.  
By de doop fan bern kin út noch mear foarmen keazen wurde:  
in koarte gearfetting fan de belidenis fan it leauwe of in songen  
'lyts credo'.

### *Doop en hânoplizzen*

Yn oarder I folge no as kearnhannelingen: doop, krústeken en  
hânoplizzen (yn oarder II komt de gelofte earst).

By de doop en/of belidenis fan folwoeksenen wurdt, as  
tarieding op it hânoplizzen, bidden om de Geast. Dat gebed giet  
foarop, sadat de kearnhannelingen opinoar oanslute. Der binne  
twa karteksten. De earste freget om de jeften fan de Geast, dêr't





in minske frucht troch drage kin. De twadde neamt de jeften fan de Geast yn sánfâld (neffens Jesaja 11:2 yn de Grykske *Septuaginta*-oersetting).

By it betsjinjen fan de doop wurdt it byld fan ûndergong en opstanning opropen: yn it doopwetter wurdt de âlde minske 'begroeven' (Romeinen 6:4) en de nije minske mei Kristus ta libben opwekke. Yn de measte gefallen sil de dopeling by it doopfont knibbelje of wurdt it tatebern derboppe holden. De âldste foarm is dat de dopeling yn it wetter stiet en alhiel oergetten wurdt. Yn alle gefallen freget it tekenkarakter fan de doop derom dat it wetter rynsk oer de holle fan de dopeling streamt. It trijefâldich útjitten kin it dopen 'yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast' begeliede.

It krústeken besegelet it bern-fan-God wêzen, yn de namme fan Kristus. De foargonger makket dat teken, al of net mei salve-oalje, op de foarholle (ferl. Iepenbiering 7:3 'Feinten fan God mei it segel op harren foarholle' en 22:4 'syn namme sil harren op de foarholle skreaun stean'). It jin bekrusen mei doopwetter by it yngean (yn ûnderskate tsjerken) of by de Peaskewacht (TSJNSTBOEK – *in oanset*, diel I, side 143) bringt jin dat op 'e nij yn it sin.

It hânoplizzen tsjut de jefte fan de Geast oan. By folwoeksenen giet dat mei twa hannen op de holle fan de learling yn it leauwe, dy't op 'e knibbels leit. Dêr klinkt it wurd by dêr't de ferriisde Hear sels syn learlingen de Geast mei joech, of de bewurdig dy't út it libben fan de iere tsjerke bekend is. Dy tekst oer de Geast kin oanfolle wurde mei oare teksten, dy't mei it each op de dopeling of de learling yn it leauwe persoanlik keazen binne.

By it dopen fan tatebern wurde krústeken en hânoplizzen yn ien hanneling dien: de foargonger leit in hân op de holle en makket mei de tomme in krústeken op de foarholle. By dat krústeken soe ek salve-oalje brûkt wurde kinne.

Dêrnei kinne noch in pear hannelingen folgje, dy't de doop neier útlizze. De dopeling kin mei in wyt doopkleed klaaid wurde, teken fan it nije minske-wêzen (Iepenbiering 7:14). Dêr klinkt de opdracht by om de nije minsklike natuer oan te nimmen (Efeziërs 4:24, ferl. Kolossers 3:9-12), in opdracht dy't foar it hiele kristenlibben jildt. Der kin ek in doopkears





oan de peaskekears oanstutsen wurde en oerjûn wurde mei in wurd oer it ljocht fan Kristus, dat foar dizze dopeling ek it libbensljocht is.

### *Geloften*

De geloften hawwe yn oarder I en II deselde bewurdig, mar krije in oar plak en dêrmei ek in wat oare betsjutting.

Yn oarder I klinke de geloften as in konklúzje út it foargeande: de krekt doopte wurdt frege om de eigen ferantwurdlikheid yn tsjerke en mienskip op har/him te nimmen.

Yn oarder II steane dy geloften tusken belidenis en doop/hânoplizzen yn. De gemeente wurdt frege om sa goed as se kin de dopelingen of learlingen te helpen by it groeien yn it leauwe dat krekt mei-inoar beliden is. De learlingen dogge harren gelofte no as talieding nei de doop of it meistimmen dêrfan. De fraach nei it doopt wurde wollen (en mei hokfoar namme) of it meistimme wollen mei de doop komt út de gelofte fuort en foarmet de oergong nei doop en hânoplizzen.

By de doop fan bern is de gelofte ek konklúzje fan de doop of talieding nei de doopfraach. Yn beide gefallen rjochtet de gelofte him op de wei dy't âlden en dooptsjûgen op grûn fan it beliden fan de gemeente mei dit bern gean sille.

Yn oarder I is de gelofte de konklúzje fan de doop: sa is de namme fan dit bern no feriene mei de namme fan God. Alden en dooptsjûgen wurdt frege om dit bern te ûntfangen as in bern fan God en yn iepenheid foar elkoar mei-inoar fierder te gean. Net hja allinnich sille it op de wei fan Kristus liede; it bern sels bepaalt harren by it libben as jefte fan God. Dêr iepen foar te stean sil har yn har eigen leauwen sterkje.

Yn oarder II liedt de gelofte nei de doopfraach. De gemeente seit ta om de dopelingen te helpen om te groeien yn leauwe en neifolging. Fan âlden en tsjûgen wurdt leafde en soarch frege; dat hja de dopeling yn de geast fan it evangeelje grut bringe, har/him trou bliuwe – ek as de wegen útinoar geane – en foar elkoar en har bern bidde sille. De fraach nei it begearen om dit bern dowe te litten folget hjir út de gelofte en foarmet de oergong nei de doop.

### *Ferwolkoming*

De gemeente wurdt oproppen om harren dy't doopt binne en dy't belidenis dien hawwe yn de gebeden te dragen en mei harren de wei fan it Keninkryk te gean. It antwurd dêrop is in





ferwolkoming. As bern fan God wurde se fan herten wolkom hjitten yn de tsjerke fan Kristus oer de hiele wrâld, dêr't dizze gemeente har part fan wit.

Omdat de doop en it opnimmen yn de tsjerke (en it me stimmen dêrfan) altyd in fuortsterkjen fan de mienskip yn it leauwe is, folget no de fredegroet. Om it doopfont hinne oanfurdiget men inoar as susters en bruorren. De fredegroet ferwiist nei it Miel fan de Hear (TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel I, side 166-170). As dat fierd wurdt, wurdt de fredegroet mar ienkear wiksele; wêr't er weilitten wurdt, hinget fan it plak fan de doop en/of belidenis ôf. Is dy oan it begjin fan de tsjinst, dan is der wat foar te sizzen om de fredegroet út te stellen oant it begjin fan it Miel. Wurdt nei de preek doopt (of me stimd mei de doop), dan kin de fredegroet nei de ferwolkoming stean bliuwe, as prelude op de fiering fan it Miel.

In liet dêr't learlingen, dopelingen en gemeente mei-inoar ta de lof fan God mei ynstimme, slút de fiering fan doop en/of belidenis ôf.





Oarders  
foar  
Doop en Belidenis





# Presintaasje fan wa't har op de doop tariede

## PRESINTAASJE

*dooptsjûge/âlderling*

N hat de winsk útsprutsen  
as learling yn it leauwe yn de gemeente opnommen te  
wurden  
om – sjongend, biddend en learend –  
nei it wetter fan de doop talaat te wurden.

*foargonger*

Wat sikest yn tsjerke?

*learling*

De mienskip fan Kristus

*foargonger*

Wat skinkt Kristus dy?

*learling*

It ivige libben.

*Joh 17:3*

*of (as de learling in bern is)*

Wat sikest yn tsjerke?

*learling*

Ik wol by Jezus hearre.

## GEBED

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Hear Jezus,

Jo hawwe hearrigens leard

út wat Jo lije moatten hawwe  
en binne ús ta ivige rêding wurden.

*Hebr 5:8*

Wy bidde Jo,

jou *N* dat *se/er*

mei wa't *har/him* ûnderrjocht jouwe

Jo leart te kennen, te folgjen en te tsjinjen

dat *se/er*

yn de doop mei Jo stoarn en begroeven

mei Jo ta nij libben opstean sil

*Rom 6:4*



alle dagen en yn ivichheid.

**Amen.**

*of (as de learling in bern is)*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Master Jezus,  
troch wetter en woestyn

hawwe Jo leard

wat libben is

sa't God it wol.

Wy bidde Jo,

jou *N* dat *se/er*

tegearre mei wa't *har/him* begeliedt

Jo kennen leare mei –

dat *se/er* Jo tsjinje en folgje sil

en sa doopt wurde sil

om fleurich te boartsjen

foar jo antlit,

dizze fjirtich dagen en *har/syn* hiele libben.

**Amen.**

LEZING út de hillige Skrift

*Johannes 6:44-47; Mattéus 11:28-30; Psalm 42:2 en 43:3-4, of in oare lêzing*

SEINE

*De foargonger makket mei de tomme in krústeken op de foarholle fan de learling.*

*N*, ûntfang + it teken fan it krús

fan ús Hear Jezus Kristus

want troch it krús

is de freugde yn de wrâld kommen.

*ûnder hânoplizzen*

De God dy't frede jout

sil dyn hiele libben hilligje.

Dyn hiele wêzen: geast, siele en lichem

sille sûnder wryt of slyt bewarre wêze

by de komst fan ús Hear Jezus Kristus.

Hy dy't dy ropt, is trou:

Hy docht wat Er seit.

*1 Tes 5:23-24*

*Oarder foar de presintaasje*

73

*nei it hânoplizzen*

N, gean dyn wei yn frede  
en de Hear sil mei dy wêze.

**Amen.**

*of (as de learling in bern is)*

*De foargonger makket mei de tomme in krústeken op de  
foarholle fan de learling.*

N, ûntfang + it teken fan it krús,  
want troch dit krústeken  
hat Jezus de freugde yn de wrâld brocht.

*ûnder hânoplizzen*

God dy't frede is  
sil dy sterk meitsje.  
Hy sil dyn geast, dyn siele,  
en dyn lichem te iten jaan,  
sadatsto Him  
mei blidens  
moetsje silst.  
Want Hy dy't dy ropt  
docht wat Er seit.

*nei it hânoplizzen*

N, gean hinne yn frede.  
De Heare is mei dy,

**Amen.**

*No folgje de lêzingen fan de snein.*

# Seiniging fan tatebern op wei nei de doop

[PSALM of GESANG]  
*bygelyks Psalm 100*

*Lietesuggestjes siden 171-176*

PRESINTAASJE  
*foargonger*

*N* en *N* hawwe de winsk útsprutsen  
om mei it bern dat har tabetroud is  
foar it antlit fan God te kommen.

*of*

Hjir yn it hûs fan God binne  
*N* en *N*  
mei *N* dy't harren tabetroud is

Tankber leauwe se  
dat harren bern  
in bern fan God is.

*as Psalm 100 net songen is*

Stim it mei dat Hy, de HEARE, God is.  
Hy hat ús makke  
wy binne fan Him,  
syn folk,  
de skiep dy't Er hoedet.

*Ps 100:3*

*ta âlden (en tsjûgen)*

*N* en *N*, wat wolle jimme?

*âlden (en tsjûgen)*

Wy wolle  
dat *N* as learling yn it leauwe  
opnommen wurdt yn de gemeente  
om *him/har* ta te lieden  
ta de doop.

*of*



*foargonger ta âlden (en tsjûgen)*

Wolle jim  
dat *N* as learling yn it leauwe  
yn de gemeente opnommen wurdt  
om *him/har* ta de doop  
te lieden?

*âlden (en tsjûgen)*

Ja, dat wolle wy.

#### GEBED

Lit ús bidde.  
*... gebedsstilte ...*  
Ivige, ús God,  
dy't ús by de namme kenne,  
seinigje dit bern,  
dat it yn jo Namme burgen is.  
Jou dat it troch de genede fan de hillige Geast  
en mei de soarch fan harren  
oan wa't Jo it tabetroud hawwe  
om him hinne,  
yn leauwe, hope en leafde groeie mei  
en ta it wetter fan de doop komme sil.  
Troch Kristus, ús Hear.

**Amen.**

#### HANOPLIZZEN

*N,*  
God ús Heit,  
dy't de Geast op Jezus, syn Soan delsaaiet liet, *Luk 3:22*  
sil dy jaan datsto learst om Him  
as Heit oan te roppen. *Rom 8:15*

*of*

De God fan Sara, Rebekka en Hanna  
sil dy ta in wente wêze,  
Ivige earmen sille dy drage. *Deut 33:27*  
De Geast dy't Maria  
beskade  
en oer Jezus kommen is *Luk 1:35; 3:22*  
sil dy leare om 'Abba, Heit' te roppen. *Rom 8:15*



of



*De HEARE sil dy seinigje en behoedzje.  
De HEARE sil dy mei it ljocht fan syn antlit beskine  
en is dy genedich.  
De HEARE keart syn antlit nei dy ta en sil dy frede jaan!*  
Num 6:24-26

LIET

*Gesang 1, 332, 333 of in oar liet*

*Lietesuggestjes siden 171-175*

*Dêrnei wurdt mei de gebeden fierder gien.*



# Belidenis en doop fan folwoeksenen – Oarder I

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

## UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

## PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

Hjir yn it hûs fan God is N (*foarnamme en famyljenamme  
fan de dopeling*)

*De dopeling komt nei foaren ta.*





*De foargonger freget (oan alle dopelingen apart)*

Wat begearst do?

*dopeling*

Dat ik doopt wurd.

*of*

Wolsto doopt wurde

yn de namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast?

*dopeling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

En mei hokker namme wolsto doopt wurde?

*dopeling*

*N (doopnamme)*

*foargonger*

Mei dizze namme skreaun stean

yn de hân palm fan God.

*Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*



**DOOPGEBED**

*Elkenien stiet*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne

en oarder yn de gaos skeppe,

dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre

en ús ta in libben yn frede wekker roppe –

lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine

en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach

op de weagen fan Jo grime droegen

en ta de berch fan it behâld opheven –

wês ús genedich, stjoer ús in teken,

in griene tûke fan nij libben

ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See

foar de slaven knibbelje lieten,





sadat se as frije minsken, sjingend,  
by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
Ién útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jorjaan  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.  
**Amen.**

*Karteksten 4-7*

**BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR**

*Earste foarm*

Do dy't hjoed de doop ûntfange wolst,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jim de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?  
**Ja, dat wol ik.**





Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jim alle slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jim yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jim yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jim yn de hillige Geast;  
leauwe jim de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

#### *Twadde foarm*

Do dy't hjoed de doop ûntfange wolst,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en fan ierde.**





**En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden.  
 Ik leau yn de hillige Geast,  
 de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben. Amen.**

*Elkenien giet sitten; dopeling (en tsjügen) bliuwe stean.*

#### DOPEN EN HANOPLIZZEN



Lit ús bidde.  
 ... *gebedsstilte* ...  
 Ivige, ús God,  
 jou wa't Jo namme beliidt  
 en de doop ûntfangt  
 de jeften fan jo hillige Geast,  
 dat *se/er* gâns fruchten draacht.  
 Jo komt de hearlikheid ta,  
 Heit, Soan en hillige Geast,  
 no en yn ivichheid.  
**Amen.**

*of*

Lit ús bidde  
 ... *gebedsstilte* ...  
 Ivige, ús God,  
 foar wa't jo namme beliidt  
 en de doop ûntfangt  
 bidde wy:





stjoer jo Geast, de Treaster,  
de Geast fan wiisheid en ferstân,  
de Geast fan ynsjoch en sterkte,  
de Geast fan kennis,  
fan earbied  
en leafde foar jo namme.

**Amen.**

*De dopeling komt nei foaren ta en knibbelet.*

N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*dopeling*

Amen.

*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de dopeling.*

Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*dopeling*

Amen.



*De foargonger leit de hannen op.*

Untfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*dopeling*

Amen.



*of*

Wês seinige  
mei de jefte fan de hillige Geast.

*Hann 2:38; 10:45;*

*Ef 1:13*

*dopeling*

Amen.

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears  
– oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.





## GELOFTEN

Do bist doopt mei wetter en Geast  
om tenei Jezus te folgjen  
en mei de hiele tsjerke te beliden  
dat Hy de wei is, de wierheid en it libben.

Wolsto dan stean foar dyn diel  
yn de mienskip dy't gearroppen is  
om de Skriften en de Tafel hinne  
mei lofsang en gebed,  
en wolsto dy ûntfermjje  
oer alle libbene siel dy't God op dyn wei bringt?

*De foargonger neamt de dopeling by de namme.*

*dopeling*

Ja, dat wol ik.

## FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet*

Gemeente, draach *har/him*  
dy't doopt is yn jim gebeden  
en gean mei *har/him* de wei fan it Keninkryk.  
**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.  
**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling (en tsjûgen) en oare gemeenteleden bringe  
elkoar de fredegroet.*

## LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*



# Belidenis en doop fan folwoeksenen – Oarder II

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

## UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

## PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

Om de doop te ûntfangen  
is hjir yn it hûs fan God N (*foarnamme en famyljenamme*).

*De dopeling komt nei foaren ta.  
Hjir kin in tsjûgenis jûn wurde fan persoanlike motiven.*

## DOOPGEBED

### *Elkenien stiet*

Lit ús bidde

... *gebedsstilte* ...

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne  
en oarder yn de gaos skeppe,  
dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre  
en ús ta in libben yn frede wekker roppe –  
lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine  
en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach  
op de weagen fan Jo grime droegen  
en ta de berch fan it behâld opheven –  
wês ús genedich, stjoer ús in teken,  
in griene tûke fan nij libben  
ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See  
foar de slaven knibbelje lieten,  
sadat se as frije minsken, sjongend,  
by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
Iên útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jordaan  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,



mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.  
**Amen.**

Karteksten 4-7

## BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

### *Earste foarm*

Do dy't hjoed de doop ûntfange wolst,  
en jim allegearre, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jim alle slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,



opfearn nei de himel,  
 en no sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
 leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden,  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

Do dy't hjoed de doop ûntfange wolst,  
 en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
 sis tsjin alle kweade machten yn  
 wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en fan ierde.  
 En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden.  
 Ik leau yn de hillige Geast,  
 de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben. Amen.**





## GELOFTEN

Gemeente, wolle jim *N*  
 sa goed as jim kinne  
 helpe om te groeien yn dit leauwe  
 en wolle jim *him/har* helpe om  
 Kristus nei te folgjen?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Elkenien giet sitten, dopeling (en tsjûgen) bliuwe stean.*

*ta de dopeling*

Wolsto stean foar dyn diel  
 yn de mienskip dy't gearroppen is  
 om de Skriften en de Tafel hinne  
 mei lofsang en gebed;  
 en wolsto dy ûntfermje  
 oer alle libbene siel dy't God op dyn wei bringt?

*De foargonger neamt de dopeling by de namme.*

*dopeling*

Ja, dat wol ik

*foargonger*

Wolsto doopt wurde?

*dopeling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

En mei hokker namme wolsto doopt wurde?

*dopeling*

*N (doopnamme)*

## DOOP EN HANOPLIZZEN

Lit ús bidde  
 ... *gebedsstilte* ...  
 Ivige, ús God,  
 jou wa't jo namme beliidt  
 en de doop ûntfangt  
 de jeften fan jo hillige Geast,  
 dat *se/er* gâns frucht draacht.  
 Jo komt de hearlikheid ta,





Heit, Soan en hillige Geast,  
no en yn ivichheid.

**Amen.**

*of*

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Ivige, ús God,  
foar wa't jo namme beliidt  
en de doop ûntfangt  
bidde wy:  
stjoer jo Geast, de Treaster,  
de Geast fan wiisheid en ferstân,  
de Geast fan ynsjoch en sterkte,  
de Geast fan kennis,  
fan earbied  
en leafde foar jo namme.

**Amen.**

*De dopeling komt nei foaren ta en knibbelet.*

N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*dopeling*

Amen.

*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de dopeling.*

Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*dopeling*

Amen.

*De foargonger leit de hannen op.*

Untfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*dopeling*

Amen.

*of*





Wês seinige  
mei de jefte fan de hillige Geast. *Hann 2:38; 10:45; Ef 1:13*  
*dopeling*  
Amen.

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is*

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears – oerlangje*

Untfang it ljocht fan Kristus.

#### FERWOLKOMMING

*Eltsenien stiet*

Gemeente, draach *har/him*  
dy't doopt is yn jim gebeden  
en gean mei *har/him* de wei fan it Keninkryk.

**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling (en tsjûgen) en oare gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





# Formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan folwoeksenen<sup>1</sup>

De haadsom fan de leare fan de Hillige Doop omfettet de neikommende trije parten.

Yn it foarste plak binne wy mei ús bern yn sûnde ûntfongen en berne. Dêrom binne wy bern fan Gods grime, dat wy kinne Syn keninkryk net sjen, of it moast wêze dat wy op 'e nij berne waarden [*Ef 2:3; Joh 3:3*]. Dat leart ús de ûndergong yn en it besprinkeljen mei it wetter [*Rom 6:4*]. Dêr wurdt ús de ûnreinens fan ús siel troch oanwiisd. Sa wurde wy oproppen om in ôfgriis fan ús sûnde te hawwen, ús foar God te feroatmoedigjen en ús reiniging en sillichheid bûten ússels te sykjen.

Yn it twadde plak betsjûget en fersegelet de Hillige Doop ús it ôfwaskjen fan de sûnden troch Jezus Kristus [*Hann 22:16*]. Dêrom wurde wy doopt yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast [*Mt 28:19*]. As wy yn de Namme fan de Heit doopt wurde, betsjûget en fersegelet God de Heit ús dat Hy mei ús in ivich ferbûn fan genede oangiet en ús as Syn bern en erfgenamten oannimt [*Rom 8:17*]. Dêrom wol Er ús mei al it goede fersoargje, al it kweade fan ús ôfhâlde of dat kweade ta ús bêst meiwurkje litte [*Rom 8:28*]. As wy yn de Namme fan de Soan doopt wurde, fersegelet de Soan ús dat Er ús yn Syn bloed wasket fan al ús sûnden en ús yn de mienskip fan Syn dea en ferrizenis ynlivet [*1 Joh 1:7*]. Sa wurde wy fan al ús sûnden frijmakke en rjochtfeardich foar God rekkene. As wy yn de Namme fan de Hillige Geast doopt wurde, bewissiget de Hillige Geast ús troch dat hillich sakramint, dat Er yn ús wenje en ús ta leden fan Kristus hillige wol. Sa wol Er ús jaan wat wy yn Kristus hawwe, te witten it ôfwaskjen fan ús sûnde en it dei oan dei fernijen fan ús libben oant wy op it lêst yn de gemeente fan de útkarden yn it ivige libben ûnbesmodzge in plak krije sille [*Ef 5:27*].

Yn it tredde plak, omdat oan elk ferbûn twa kanten sitte,

- 
- 1 Om de Hillige Doop oan folwoeksenen te betsjinjen kin ek de oarder fan tsjinst foar de iepenbiere belidenis fan it leauwe (side 140ff) brûkt wurde. Yn dy oarder wurdt lykwols oer de doop yn it algemien sprutsen, net oer de doop oan folwoeksenen yn it bysûnder.





ropt God ús troch de doop op en ferplichtet Er ús ta nije hear-  
richheid. Dat betsjut dat wy ynlik ferbûn binne mei dizze  
ienige God – Heit, Soan en Hillige Geast –, Him fertrouwe en  
leafhawwe mei ús hiele hert, mei ús hiele siel, yn ús hiele  
tinken en mei al ús krêften [Mt 22:37]. Fierders, dat wy, de  
goddeleasheid en de wrâldske begearlikheden fersaakjende,  
evenredich en rjochtfeardich en godsillich yn de tsjintwurdige  
wrâld libje [Tit 2:12]. En wannear't wy bytiden út swakkens yn  
sûnde ferfalle, moatte wy net twivelje oan Gods genede en ek  
net yn de sûnde lizzen bliuwe. De doop is ommers in segel en  
in net te betwiveljen tsjûgenis dat wy in ivich ferbûn fan genede  
mei God hawwe.

No moatte de bern fan de kristenen út krêft fan dat ferbûn  
doopt wurde, al begripe se dat noch net. Folwoeksenen meie  
lykwols earst doopt wurde as hja mei berou har sûnden  
beseffe, har boetfeardichheid sjen litte en har leauwe yn  
Kristus belide. Dêrom hat net allinnich Johannes de Doper,  
doe't hy yn opdracht fan God de doop fan de bekearing ta  
ferjouwing fan sûnden preke, allinnich mar harren doopt dy't  
har sûnden belieden [Mk 1:4,5; Luk 3:3]. Mar ek ús Heare  
Jesus Kristus hat Syn dissipels opdroegen om alle folken te  
ûnderwizen en harren te dopen yn de Namme fan de Heit en  
fan de Soan en fan de Hillige Geast [Mt 28:19; Mk 16:15]. Hy  
hat dêr de belofte oan tafoege dat wa't leaud hawwe sil en  
doopt is, beholden wurde sil [Mk 16:16]. De apostels hawwe ek  
neffens dy regel hannele. Hja hawwe gjin oare folwoeksenen  
doopt as dy't har boetfeardichheid sjen lieten en har leauwe  
belieden [Hann 2:38; 8:36,37; 10:47,48; 16:14,15, 31-33]. Dêr-  
om meie wy no ek allinnich folwoeksenen dope dy't de heil-  
geheimen fan de Hillige Doop út de ferkundiging fan it hillich  
evangeelje leard en ferstien hawwe en fan harren leauwe troch  
persoanlike belidenis rekkenskip jaan kinne.

Lit ús no, om dy hillige ynstelling fan God ta Syn eare, ta ús  
treast en ta opbou fan de gemeente betsjinje te meien, Syn  
hillige Namme oanroppe:

Almachtige en ivige God, Jo hawwe neffens Jo strang oardiel  
de ûnleauwige wrâld, dy't gjin berou sjen liet, mei de sûnt-  
flood straft. Mar Jo hawwe de leauwige Noach-en-dy yn Jo  
grutte barmhertichheid beholden en sparre.  
Jo hawwe de stiifhertige Farao en al syn folk yn de Reidsee





ferdronken, mar Jo folk Israel dêr mei droege fuotten trochhinne laat, dêr't de doop mei oantsjut wurdt.

Wy bidde Jo, yn 'e pleit op Jo ûnmjitlike barmhertichheid, wol dizze broer/suster yn genede oansjen en troch Jo Hillige Geast yn Jo Soan Jezus Kristus ynliivje, dat er/hja mei Him yn Syn dea begroeven wurde sil en mei Him yn in nij libben ferrize mei; syn/har krús yn it deistich neifolgen fan Kristus bliermoedich drage mei en Him mei in oprjocht leauwe, fêste hoop en brânende leafde tawijd wêze mei; dat er/hja dit libben, dat dochs oars net is as in aloan stjerren, troch Jo genede treastge, ferlitte mei en op 'e jongste dei foar de rjochterstoel fan Kristus, Jo Soan, sûnder freze ferskine mei.

Troch Him, ús Heare Jezus Kristus, Jo Soan dy't mei Jo en de Hillige Geast, ien ienich God, libbet en regearret yn ivichheid. Amen.

*Fragen oan de folwoeksene dy't doopt wurde sil:*

Omdat jo, N, de Hillige Doop ûntfange wolle as in segel fan jo ynliving yn Gods tsjerke, moat dúdlik blike dat jo de kristlike leare, dêr't jo yn ûnderrjochte binne en dêr't jo foar ús belidenis fan dien hawwe, net allinnich oannimme, mar dêr, troch Gods genede, ek neffens libje wolle. Dêrom hearre jo foar God en Syn gemeente op de neikommende fragen oprjocht te antwurdzjen: Foarst: Leauwe jo yn de ienige wiere God – Heit, Soan en Hillige Geast – dy't himel en ierde en alles wat dêryn is, út neat makke hat en noch ûnderhâldt en regearret, sadat neat bart sûnder Syn godlike wil?

*Antwurd:*

Ja.

Twad: Leauwe jo dat jo yn sûnde ûntfongen en berne binne, dat jo dêrom ûnder Gods grime falle en dat jo fan natuer net ta watfoar goeds by steat binne en oanstriid ta alle kwea hawwe; en dat jo yn tinken, wurden en deden de geboaden fan de Heare gauris oertrêde hawwe? Hawwe jo oer dy sûnden oprjocht berou?

*Antwurd:*

Ja.

Tred: Leauwe jo dat Jezus Kristus, dy't tagelyk wier en ivich God is en wier minske, dy't Syn minsklike natuer út it fleis en bloed fan de faam Maria oannommen hat, jo ta in Sillichmakker troch God jûn is; en dat jo troch dat leauwe ferjouwing fan sûnden yn Syn bloed ûntfange; en dat jo troch de krêft fan de







Hillige Geast in lid fan Jezus Kristus en Syn Tsjerke wurden binne?

*Antwurd:*

Ja.

Fjird: Stimme jo yn mei alle artikels fan it kristlik leauwe, dy't hjir neffens it Wurd fan God yn de kristlike tsjerke leard wurde? Hawwe jo it foarnimmen om stânfest yn dy leare oant de ein fan it libben fol te hâlden en alle ketterijen en dwalingen dy't dêrmei yn striid binne ôf te wizen? Unthjitte jo om yn de mienskip mei de tsjerke net allinnich fol te hâlden yn it harkjen nei it Wurd fan God, mar ek yn it mei-oangean oan it Hillich Nachtmiel?

*Antwurd:*

Ja.

Fyfd: Wolle jo fan herten altyd as kristen libje en jo ôfkeare fan de wrâld en har kweade begearten, sa't it leden fan Kristus en Syn gemeente foeget? Sille jo jo hearrich ûnder alle kristlike fermoanningen deljaan?

*Antwurd:*

Ja.

Mei de goede en grutte God jo Syn genede en seine jaan om troch Jezus Kristus dizze gelofte nei te kommen. Amen.



*Dêrnei seit de tsjinner by it dopen:*

N, Ik doop jo yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast. (Amen.).

Almachtige en barmhertige God en Heit, wy tankje en loovje Jo dat Jo ús en ús bern troch it bloed fan Jo leave Soan Jezus Kristus al ús sünden ferjûn hawwe. En dat Jo ús troch Jo Hillige Geast ta leden fan Jo iennichstberne Soan en sa as Jo bern oannommen hawwe en ús dit mei de Hillige Doop fersegelje en bekrêftige.

Wy bidde Jo ek troch Him, Jo leave Soan, wol dizze doopte broer/suster troch Jo Hillige Geast altyd regearje, dat er/hja kristlik en godsillich libje en aloan yn de Heare Jezus Kristus waakse mei. Jou dat er/hja sa Jo Faderlike goedens en barmhertichheid dy't Jo him/har en ús allegearre bewiisd hawwe, belide sil en dat er/hja yn alle rjochtfearlichheid ûnder ús iennige Learaar, Kening en Hegepryster Jezus Kristus libbet en moedich tsjin de sûnde, de duvel en syn hiele ryk striidt, om oerwinne te meien.





Dan sil er/hja Jo en Jo Soan Jezus Kristus en de Hillige Geast, de ienige en wiere God, ivich loovje en priizgje. Amen.

# Doop fan bern – Oarder I

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

## UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

## PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

Hjir yn it hûs fan God is/binne ynbrocht  
N (ropnamme) soan/dochter fan N en N

*De doopâlden komme nei foaren ta (de tsjûgen jouwe har der  
ek by).*

*foargonger*

Wat begeare jimme?



*âlden (en tsjûgen)*

Dat ús bern doopt wurdt.

*of*

Wolle jim dat jim bern doopt wurdt

yn de namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast?

*âlden (en tsjûgen)*

Ja, dat wolle wy.

*foargonger*

En mei hokker namme sil *se/er* doopt wurde?

*âlden (en tsjûgen)*

*N (doopnamme)*

*foargonger*

*Mei dizze namme/meie dizze nammen skreaun stean*

yn de hân palm fan God.

*Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*

## DOOPGEBED

*Elkenien stiet*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne

en oarder yn de gaos skeppe,

dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre

en ús ta in libben yn frede wekker roppe –

lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine

en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach

op de weagen fan Jo grime droegen

en ta de berch fan it behâld opheven –

wês ús genedich, stjoer ús in teken,

in griene tûke fan nij libben

ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See

foar de slaven knibbelje lieten,

sadat se as frije minsken, sjongend,

by de wâl opklommen –



lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
lén útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jordaam  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.  
**Amen.**

*Karteksten 4-7*

#### BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

##### *Earste foarm*

*N* en *N* (*âlden*/*tsjûgen*)  
en jim allegearre,  
hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûge te wurden fan de doop fan *N*  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?  
**Ja, dat wol ik.**



Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme elk slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

*N en N (âlden/tsjûgen)*

en jim allegearre,  
hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
en om jim eigen doop te betinken,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliidt, de iuwen troch:





**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en fan ierde.  
 En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden.  
 Ik leau yn de hillige Geast,  
 de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben. Amen.**



*Tredde foarm*

*N en N (âlden/tsjûgen),  
 en jim allegearre,  
 hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
 om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
 en om jim eigen doop te betinken:*



Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
 fan alles dat tsjin de wil fan God yngiet?  
 En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
 en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit,  
 ús Skepper en Ferlosser?  
 Leauwe jimme yn Jezus Kristus, syn Soan,  
 ús krusige en opstiene Hear?  
 Leauwe jimme yn de hillige Geast,  
 dy't ús libben nij makket?  
**Ja, ik leau.**





*Fjirde foarm*

Wy wurde tsjûgen fan de doop fan *N*  
en betinke ús eigen doop.  
Dêrom belide wy ús leauwe:

**Wy belide ien en mien  
dat de Heare  
ús God is, Hy en oars gjinien,  
sjong syn eare**

**Wy belide dat ús Hear  
Jezus Kristus  
foar minsken stoarn en opstien is.  
Halleluja!**

**Wy belide dat de Geast  
út genede  
de wrâld fernijt en herten treast:  
ivich frede.**

*Lietesuggestje side 176  
Tuskentiden 96*

*Elkenien giet sitten; âlden (en tsjûgen) bliuwe stean.*

DOOP EN HANOPLIZZEN

*N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.*

*De foargonger leit de dopeling in hân op.  
Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.*

*De diaken kin in doopkleed omlizze.  
Nim de nije minsklike natuer oan.*

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears –  
oerlangje.  
Untfang it ljocht fan Kristus.*







## GELOFTEN

*foargonger*

Sa is de namme fan dit bern/binne de nammen fan dizze bern no ferienige mei de Namme fan de trije-ienige God.

*tsjin de âlden (en tsjügen) elk foar oar*

Wolle jim N (en N)

ûntfange as in bern/bern fan God

en jimme troch har/syn bywêzichheid

yn jim hûs (en libben)

sterkje litte yn it leauwen?

Wolle jimme har/him foargean

op de wei dy't de Hear foar ús sljochte hat?

*De foargonger neamt de âlden (en tsjügen) by de namme.*

*âlden (en tsjügen)*

Ja, dat wolle wy.

## FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet*

Gemeente, draach har/him/harren

dy't doopt is/binne yn jim gebeden

en gean mei har/him/harren de wei fan it Keninkryk.

**Wolkom, bern fan God,**

**wolkom yn de tsjerke fan Kristus,**

**oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Foargonger, doopâlden (en tsjügen) en oare gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

## LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





## Doop fan bern – Oarder II

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

### UNDERWIZING

‘Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.’

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

‘Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.’

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

### PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

*As dopeling is/binne*

*hjiir yn it hûs fan God ynbrocht*

*N (ropanamme), dochter/soan fan N en N.*

*De doopâlden komme nei foaren ta (de tsjûgen jouwe har der  
ek by).*





*foargonger*

Hokker namme hawwe jim dit bern jûn?

*of*

Hokker namme hat dit bern krige?

*âlden (en tsjûgen)*

*N (doopnamme)*

*foargonger*

*Mei dizze namme/meie dizze nammen skreaun stean  
yn de hânpalm fan God.*

*Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*

#### DOOPGEBED

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne

en oarder yn de gaos skeppe,

dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre

en ús ta in libben yn frede wekker roppe –

lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine

en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach

op de weagen fan Jo grime droegen

en ta de berch fan it behâld opheven –

wês ús genedich, stjoer ús in teken,

in griene tûke fan nij libben

ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See

foar de slaven knibbelje lieten,

sadat se as frije minsken, sjongend,

by de wâl opklommen –

lit ús ek sa op wei gear

nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,

dat ta frijheid roppen waard,

lén útkeazen om as slaaf te stjerren



– syn doop yn de Jor­daan  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.  
**Amen.**

*Karteksten 4-7*

## BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

### *Earste foarm*

*N* en *N* (*âlden*/*tsjûgen*)  
en jim allegearre,  
hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûge te wurden fan de doop fan *N*  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

of

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**



Wolle jimme alle slavejok ôfsmite  
 en libje yn de frijheid fan de bern fan God?  
**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en ierde?  
**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en no sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden?  
**Ja, ik leau.**



Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
 leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden,  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben?  
**Ja, ik leau.**



*Twadde foarm*

*N en N (âlden/tsjûgen)*  
 en jim allegearre,  
 hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
 om tsjûge te wurden fan de doop fan N  
 en om jim eigen doop te betinken,  
 sis tsjin alle kweade machten yn  
 wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en fan ierde.  
 En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,**





dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden.  
Ik leau yn de hillige Geast,  
de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.

*Tredde foarm*

N en N (*âlden/tsjûgen*),  
en jim allegearre,  
hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yngiet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit,  
ús Skepper en Ferlosser?  
Leauwe jimme yn Jezus Kristus, syn Soan,  
ús krusige en opstiene Hear?  
Leauwe jimme yn de hillige Geast,  
dy't ús libben nij makket?  
**Ja, ik leau.**

*Fjirde foarm*

Wy wurde tsjûgen fan de doop fan N  
en betinke ús eigen doop.  
Dêrom belide wy ús leauwe:





**Wy belide ien en mien  
dat de Heare  
ús God is, Hy en oarsgjinien,  
sjong syn eare**

**Wy belide dat ús Hear  
Jezus Kristus  
foar minsken stoarn en opstien is.  
Halleluja!**

**Wy belide dat de Geast  
út genede  
de wrâld fernijt en herten treast:  
ivich frede.**

*Lietesuggestje side 176  
Tuskentiden 96*

## GELOFTEN

Gemeente, wolle jim *N* (en *N*)  
sa goed as jim kinne  
helpe om te groeien yn dit leauwe  
en wolle jim *har/him* helpe om  
Kristus nei te folgjen?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Elkenien giet sitten; âlden (en tsjûgen) bliuwe stean.*

*tsjin de âlden (en tsjûgen) elk foar oar*  
Sizze jim ta dat jimme *N* (en *N*),  
dy't oan jim tabetroud is/*binne*,  
mei leafde en soarch hoedzje sille?  
Sizze jim ta dat jimme *har/him* grutbringe  
yn de geast fan it evangeelje fan Jezus Kristus  
en dat jimme *har/him* yn leafde troubliuwe  
hokker wei *se/er* yn de takomst ek gean *mei/meie*?  
Sizze jim ta dat jimme elkoar en jim bern  
sa oan God opdrage sille? *Hann 15:40; 20:32*

*De foargonger neamt de âlden (en tsjûgen) by de namme.*

*âlden (en tsjûgen)*  
Ja, dat sizze wy ta.





*foargonger*

Wolle jimme dat N (en N) doopt wurdt/wurde?

*âlden (en tsjûgen)*

Ja, dat wolle wy.

## DOOP EN HANOPLIZZEN

N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*De foargonger leit de dopeling de hân op.*

Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oan de peaskekears oanstutsen  
– oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.



## FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet*

Gemeente, draach *har/him/harren*  
dy't doopt *is/binne* yn jim gebeden  
en gean mei *har/him/harren* de wei fan it Keninkryk.

**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Foargonger, doopâlden (en tsjûgen) en oare gemeenteleden  
bringe inoar de fredegroet.*

## LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





# Formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan de lytse bern fan de leauwigen

De haadsom fan de leare fan de Hillige Doop omfettet de neikommende trije parten.

Yn it foarste plak binne wy mei ús bern yn sûnde ûntfongen en berne. Dêrom binne wy bern fan Gods grime, dat wy kinne Syn keninkryk net sjen, of it moast wêze dat wy op 'e nij berne waarden [Ef 2:3; Joh 3:3]. Dat leart ús de ûndergong yn en it besprinkeljen mei it wetter [Rom 6:4]. Dêr wurdt ús de ûnreinens fan ús siel troch oanwiisd. Sa wurde wy oproppen om in ôfgriis fan ús sûnde te hawwen, ús foar God te feroatmoedigjen en ús reiniging en sillichheid bûten ússels te sykjen.

Yn it twadde plak betsjûget en fersegelet de Hillige Doop ús it ôfwaskjen fan de sûnden troch Jezus Kristus [Hann 22:16]. Dêrom wurde wy doopt yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast [Mt 28:19]. As wy yn de Namme fan de Heit doopt wurde, betsjûget en fersegelet God de Heit ús dat Hy mei ús in ivich ferbûn fan genede oangiet en ús as Syn bern en erfgenamten oannimt [Rom 8:17]. Dêrom wol Er ús mei al it goede fersoargje, al it kweade fan ús ôfhâlde of dat kweade ta ús bêst meiwurkje litte [Rom 8:28]. As wy yn de Namme fan de Soan doopt wurde, fersegelet de Soan ús dat Er ús yn Syn bloed wasket fan al ús sûnden en ús yn de mienskip fan Syn dea en ferrizenis ynlivet [1 Joh 1:7]. Sa wurde wy fan al ús sûnden frijmakke en rjochtfearnich foar God rekkene. As wy yn de Namme fan de Hillige Geast doopt wurde, bewissiget de Hillige Geast ús troch dat hillich sakramint, dat Er yn ús wenje en ús ta leden fan Kristus hilligje wol. Sa wol Er ús jaan wat wy yn Kristus hawwe, te witten it ôfwaskjen fan ús sûnde en it dei oan dei fernijen fan ús libben oant wy op it lêst yn de gemeente fan de útkarden yn it ivige libben ûnbesmodzge in plak krije sille [Ef 5:27].

Yn it tredde plak, omdat oan elk ferbûn twa kanten sitte, ropt God ús troch de doop op en ferplichtet Er ús ta nije hearriichheid. Dat betsjut dat wy ynlik ferbûn binne mei dizze ienige God – Heit, Soan en Hillige Geast –, Him fertrouwe en leafhawwe mei ús hiele hert, mei ús hiele siel, yn ús hiele tinken en mei al ús krêften [Mt 22:37]. Fierders, dat wy, de



goddeleasheid en de wrâldske begearlikheden fersaakjende, evenredich en rjochtfearlich en godsillich yn de tsjintwurdige wrâld libje [Tît 2:12]. En wannear't wy bytiden út swakkens yn sûnde ferfalle, moatte wy net twivelje oan Gods genede en ek net yn 'e sûnde lizzen bliuwe. De doop is ommers in segel en in net te betwiveljen tsjûgenis dat wy in ivich ferbûn fan genede mei God hawwe.

Hoewol't ús lytse bern dat allegear net begripe, meie wy harren dochts net fan de doop útslute. Want sûnder dat hja it witte, hawwe se ek diel oan de flok yn Adam en sa wurde se ek sûnder it te witten yn Kristus wer yn genede oannommen. Wat God tsjin Abraham, de heit fan alle leauwigen, seit, jildt ommers ek foar ús en ús bern: 'Ik sil myn ferbûn oprjochtsje tusken My en dy en dyn sied<sup>1</sup> nei dy yn har slachten, ta in ivich ferbûn om dy te wêzen ta in God en dyn sied nei dy' (Genesis 17:7). Itselde ferklearret Petrus mei dizze wurden: 'Want jimme is de belofte en jimme bern en allegearre dy't om fierrens binne, safolle as de Heare ús God dêrta roppe sil' (Hannelingen 2:39). Dêrom hat God eartiids opdroegen om de bern te besnijen. Dy besnijenis wie in besegeling fan it ferbûn en fan de gerjochtichheid fan it leauwe [Rom 4:11]. Sa hat Kristus de earms ek om de bern hineslein en harren seinigjend de hannen oplein [Mk 10:16]. Omdat (ûnder it nije ferbûn) de doop yn it plak fan de besnijenis kommen is, hearre wy de lytse bern as erfgenamten fan it ryk fan God en fan Syn ferbûn te dopen. De âlden hawwe de plicht om de bern by it opwaaksen dêr wiidweidiger yn te ûnderrjochtsjen.

Lit ús no, om dy hillige ynstelling fan God ta Syn eare, ta ús treast en ta opbou fan de gemeente betsjinje te meien, Syn hillige Namme oanroppe:

Almachtige en ivige God, Jo hawwe neffens Jo strang oardiel de ûnleauwige wrâld, dy't gjin berou sjen liet, mei de sûnt-floed straft. Mar Jo hawwe de leauwige Noach-en-dy yn Jo grutte barmhertichheid beholden en sparre.

Jo hawwe de stiifhartige Farao en al syn folk yn de Reidsee ferdronken, mar Jo folk Israel dêr mei droege fuotten trochhinne laat, dêr't de doop mei oantsjut wurdt.

1 'Sied' betsjut hjir 'neiteam'.





Wy bidde Jo, yn 'e pleit op Jo grûnleaze barmhertichheid, wol dizze bern yn genede oansjen en troch Jo Hillige Geast yn Jo Soan Jezus Kristus ynliivje, dat hja mei Him yn Syn dea begroeven wurde en mei Him yn in nij libben ferrize meie; har krús yn it deistich neifolgjen fan Kristus bliermoedich drage meie en Him mei in wier leauwe, fêste hoop en brânende leafde tawijd wêze meie; dat hja dit libben, dat dochs oars net is as in aloan stjerren, troch Jo genede treastge ferlitte meie en op de jongste dei foar de rjochterstoel fan Kristus, Jo Soan, sûnder freze ferskine meie.

Troch Him, ús Heare Jezus Kristus, Jo Soan dy't mei Jo en de Hillige Geast, ien iennich God, libbet en regearret yn ivichheid. Amen.

*Fragen oan de âlden (en tsjûgen):*

Beminden yn de Heare Kristus, jimme hawwe heard dat de doop in ynstelling fan God is om oan ús en ús neiteam Syn ferbûn te fersegeljen. Dêrom moatte wy de doop mei dat doel en net út gewoante of byleauwe brûke. Dat it dan iepentlik bekend wurde mei dat it jimme ynmoed is, sa sille jimme fan jim kant op de neikommende fragen oprjocht antwurdzje:

Foarst: Belide jimme dat ús bern, hoewol't hja yn sûnde ûntfongen en berne binne en dêrom ûnder alderhanne ellinde, ja sels ûnder de flok falle, dochs yn Kristus hillige binne en dêrom as leden fan Syn gemeente doopt hearre te wêzen?

*Antwurd:*

Ja.

Twad: Belide jimme dat de leare dy't yn it Alde en it Nije Testamint en yn de artikels fan it kristlik leauwe gearfette is, en yn de kristlike tsjerke hjir ûnderwiisd wurdt, de wiere en folsleine leare fan de sillichheid is?

*Antwurd:*

Ja.

Tred: Unthjitte jimme en nimme jimme foar jim rekken om dizze bern, dêr't jimme heit en mem (of tsjûge) fan binne, by it opwaaksen yn dizze leare nei't yn jim fermogen leit te ûnderrjochtsjen en ûnderrjochtsje te litten?

*Antwurd:*

Ja.

*Dêrnei seit de tsjinner by it dopen:*

N, Ik doop dy yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast. (Amen.).





Almachtige en barmhertige God en Heit, wy tankje en loovje Jo dat Jo ús en ús bern troch it bloed fan Jo leave Soan Jezus Kristus al ús sünden ferjûn hawwe. En dat Jo ús troch Jo Hillige Geast ta leden fan Jo iennichstberne Soan en sa as Jo bern oannommen hawwe en ús dat mei de Hillige Doop fersegelje en bekrêftigje.

Wy bidde Jo ek troch Him, Jo leave Soan, wol dizze doopte bern troch Jo Hillige Geast altyd liede, dat hja kristlik en godsillich grutbrocht wurde en aloan yn de Heare Jezus Kristus waakse meie. Jou dat hja sa Jo Faderlike goedens en barmhertichheid dy't Jo har en ús allegearre bewiisd hawwe, belide sille en dat hja yn alle rjochtfear dichheid ûnder ús iennige Learaar, Kening en Hegepryster Jezus Kristus libje en moedich tsjin de sûnde, de duvel en syn hiele ryk stride, om oerwinne te meien.

Dan sille hja Jo en Jo Soan Jezus Kristus en de Hillige Geast, de iennige en wiere God, ivich loovje en priizgje. Amen.



# Doop fan in bern fan seis jier ôf – Oarder I

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

## UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

## PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

N en N

binne mei har bern N (*ropnamme*)  
de wei nei it doopfont gien.  
No binne se hjir yn it hûs fan God.

*Alden en bern komme nei foaren ta.*



*foargonger tsjin de dopeling*  
*N (ropanamme), wat wolsto?*  
*dopeling*  
 Doopt wurde!

*of*

*foargonger tsjin de dopeling*  
*N (ropanamme), wat wolsto?*  
*dopeling*  
 Ik wol doopt wurde.

*of*

*foargonger tsjin de dopeling*  
*N (ropanamme), wolsto doopt wurde?*  
*dopeling*  
 Ja.

*foargonger*  
 En mei hokker namme wolsto doopt wurde?  
*dopeling*

*N (doopnammen)*

*foargonger*  
 Mei dizze namme skreaun stean  
 yn de hânpalm fan God.

*Jes 49:16*

#### DOOPGEBED

Lit ús bidde.

*...gebedsstilte...*

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne  
 en oarder yn de gaos skeppe,  
 dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre  
 en ús ta in libben yn frede wekker roppe –  
 lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine  
 en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach  
 op de weagen fan Jo grime droegen  
 en ta de berch fan it behâld opheven –  
 wês ús genedich, stjoer ús in teken,  
 in griene tûke fan nij libben  
 ûnder Jo bewâld.



Jo dy't it wetter fan de Reade See  
foar de slaven knibbelje lieten,  
sadat se as frije minsken, sjongend,  
by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
Ién útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jorjaan  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.

**Amen.**

*Karteksten 4-7*

## BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

### *Earste foarm*

*N* en *N* (*âlden/tsjûgen*)  
en jim allegearre,  
hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûge te wurden fan de doop fan *N*  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**



*of*

Wolle jim de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?  
**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?  
**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme elk slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?  
**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?  
**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?  
**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?  
**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*  
*N en N (âlden/tsjûgen),*  
en jim allegear





hjr byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
en om jim eigen doop te betinken,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke belidit, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en fan ierde.  
En yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden.  
Ik leau yn de hillige Geast,  
de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.**

*Tredde foarm*

N en N (âlden/tsjûgen),  
en jim allegearre,  
hjr byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yngiet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit,  
ús Skepper en Ferlosser?



Leauwe jimme yn Jezus Kristus, syn Soan,  
 ús krusige en opstiene Hear?  
 Leauwe jim yn de hillige Geast,  
 dy't ús libben nij makket?  
**Ja, ik leau.**

*Fjirde foarm*

Wy wurde tsjûgen fan de doop fan N  
 en betinke ús eigen doop.  
 Dêrom belide wy ús leauwe:

**Wy belide ien en mien  
 dat de Heare  
 ús God is, Hy en oars gjinien,  
 sjong syn eare**

**Wy belide dat ús Hear  
 Jezus Kristus  
 foar minsken stoarn en opstien is.  
 Halleluja!**

**Wy belide dat de Geast  
 út genede  
 de wrâld fernijt en herten treast:  
 ivich frede.**

*Lietesuggestje side 176  
 Tuskentiden 96*

*Elkenien giet sitten; dopeling en âlden/tsjûgen bliuwe stean.*

#### DOOP EN HANOPLIZZEN

N, ik doop dy  
 yn de namme fan de Heit  
 en fan de Soan  
 en fan de hillige Geast.

*De foargonger leit de dopeling in hân op.*

Do bist in bern fan God,  
 tekene + mei it krús fan Kristus.

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*





*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears – oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.

#### GELOFTEN

*foargonger*

Sa is de namme fan dit bern no ferienige mei de Namme fan de trije-ienige God.

*tsjin de âlden (en tsjûgen) elk foar oar*

Wolle jim N

ûntfange as in bern fan God

en jimme troch *har/syn* bywêzigens yn jim hûs (en libben) sterkje litte yn it leauwen?

Wolle jimme *har/him* foargean

op de wei dy't de Hear foar ús sljochte hat?

*De foargonger neamt de âlden (en tsjûgen) by de namme.*

*âlden (en tsjûgen)*

Ja, dat wolle wy.



#### FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet*

Gemeente, draach *har/him*

dy't doopt is yn jim gebeden

en gean mei *har/him* de wei fan it Keninkryk.

**Wolkom, bern fan God,**

**wolkom yn de tsjerke fan Kristus,**

**oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling, doopâlden (en tsjûgen) en oare gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

#### LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





## Doop fan in bern fan seis jier ôf – Oarder II

*As it kin komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

### UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

### PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

N en N  
binne mei har bern N (*ropnamme*)  
de wei nei it doopfont gien.  
No binne se hjir yn it hûs fan God.

*Alden en bern komme nei foaren ta.*



## DOOPGEBED

### *Elkenien stiet*

Lit ús bidde.

... *gebedsstille* ...

Hillige God,

Jo dy't de ienfâld sels binne  
en oarder yn de gaos skeppe,  
dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre  
en ús ta in libben yn frede wekker roppe –  
lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine  
en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach  
op de weagen fan jo grime droegen  
en ta de berch fan it behâld opheven –  
wês ús genedich, stjoer ús in teken,  
in griene tûke fan nij libben  
ûnder jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See  
foar de slaven knibbelje lieten,  
sadat se as frije minsken, sjongend,  
by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
lén útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jordaan  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane



en foar ivich by Jo burgen binne.

**Amen.**

*Karteksten 4-7*

BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

*Earste foarm*

N en N (*âlden / tsjûgen*),

en jim allegearre,

hjr byinoar kommen om it doopfont hinne

om tsjûge te wurden fan de doop fan N

en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea

fan alles dat tsjin de wil fan God yn gjet?

En wolle jimme jim takeare nei Kristus

en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje

en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersetse tsjin alle machten

dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme alle slavejok ôfsmite

en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,

Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,

syn iennichstberne Soan, ús Hear,

dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.

berne út de faam Maria,

dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,

krusige, stoarn en begroeven is,





deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en no sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden?  
**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
 leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden,  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben?  
**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

*N en N (âlden/tsjûgen)*  
 en jim allegearre,  
 hjir byinoar kommen om it doopfont hinne  
 om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
 en om jim eigen doop te betinken,  
 sis tsjin alle kweade machten yn  
 wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en fan ierde.  
 En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden.  
 Ik leau yn de hillige Geast,  
 de hillige, katolike tsjerke,**





**de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.**

*Tredde foarm*

N en N (*âlden/tsjûgen*),  
en jim allegearre,  
hji'r byinoar kommen om it doopfont hinne  
om tsjûgen te wurden fan de doop fan N  
en om jim eigen doop te betinken:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yngiet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit,  
ús Skepper en Ferlosser?  
Leauwe jimme yn Jezus Kristus, syn Soan,  
ús krusige en opstiene Hear?  
Leauwe jimme yn de hillige Geast,  
dy't ús libben nij makket?

**Ja, ik leau.**

*Fjirde foarm*

Wy wurde tsjûgen fan de doop fan N  
en betinke ús eigen doop.  
Dêrom belide wy ús leauwe:

**Wy belide ien en mien  
dat de Heare  
ús God is, Hy en oarsgjinien,  
sjong syn eare**

**Wy belide dat ús Hear  
Jezus Kristus  
foar minsken stoarn en opstien is.  
Halleluja!**

**Wy belide dat de Geast  
út genede**







**de wrâld fernijt en herten treast:  
ivich frede.**

*Lietesuggestje side 176  
Tuskentiden 96*



GELOFTEN

Gemeente, wolle jim *N*  
sa goed as jim kinne  
helpe om te groeien yn dit leauwe  
en wolle jim *har/him* helpe om  
Kristus nei te folgjen?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Elkenien giet sitten: dopeling en âlden/tsjûgen bliuwe stean.*

*tsjin de âlden (en tsjûgen)*

Sizze jim ta dat jimme *N*,  
fierders ek mei leafde en soarch hoedzje sille?  
Sizze jim ta dat jimme *har/him* grutbringe  
yn de geast fan it evangelje fan Jezus Kristus  
en dat jimme *har/him* yn leafde trou bliuwe  
hokker wei *se/er* yn de takomst ek gean *mei/meie*?  
Sizze jim ta dat jimme elkoar en jim bern  
sa oan God opdrage sille?

*Hann 15:40; 20:32*



*De foargonger neamt de âlden (en tsjûgen) by de namme.*

*âlden (en tsjûgen)*

Ja, dat sizze wy ta.

*tsjin de dopeling*

*N (ropnamme),*

wolsto doopt wurde?

*dopeling*

Ja

*foargonger*

En mei hokker namme wolsto doopt wurde?

*dopeling*

*N (doopnamme)*

DOOP EN HANOPLIZZEN

*N*, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit





en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*De foargonger leit de dopeling de hân op.*  
Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*  
Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears  
– oerjaan.*  
Untfang it ljocht fan Kristus.

FERWOLKOMMING  
*Elkenien stiet*

Gemeente, draach *har/him*  
dy't doopt is yn jim gebeden  
en gean mei *har/him* de wei fan it Keninkryk.  
**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.  
**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling, doopâlden (en tsjügen) en oare  
gementeleden bringe inoar de fredegroet.*

LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





## Belidenis – Oarder I

*As it kin komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al yn it doopfont getten.*

### UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20*

### PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

Hjir yn it hûs fan God binne/is  
N en N (foarnamme en famyljenamme fan de learlingen)

*De learlingen komme nei foaren ta.*

*foargonger*

Wat begeare jimme?

*learling*

Ik wol mei myn doop ynstimme  
en myn leauwe belide.





*of*

*foargongenr*

Wolsto mei dyn doop ynstimme  
en dyn leauwe belide?

*learling*

Ja, dat wol ik.

*Hjir kin in tsjûgenis jûn wurde fan persoanlike motiven.*

**BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR**

*Elkenien stiet.*

*Earste foarm*

Jimme dy't hjoed mei jim doop ynstimme,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme elk slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jim yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,





dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?  
**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?  
**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

Jimme dy't hjoed mei jim doop ynstimme wolle,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en fan ierde.  
En yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden.  
Ik leau yn de hillige Geast,**



**de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.**

*Elkenien giet sitten; learlingen (en tsjügen) bliuwe stean.*

HANOPLIZZEN

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Ivige, ús God,  
jou wa't Jo namme belide  
en mei har doop ynstimme  
de jeften fan jo hillige Geast,  
dat se in soad fruchten drage.  
Jo komt de hearlikheid ta,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en yn ivichheid.  
**Amen.**

*of*

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Ivige, ús God,  
foar wa't Jo namme belide  
en mei har doop ynstimme  
bidde wy:  
stjoer jo Geast, de Treaster,  
de Geast fan wiisheid en ferstân,  
de Geast fan ynsjoch en sterkte  
de Geast fan kennis,  
fan earbied  
en leafde foar jo namme.  
**Amen.**

*De learlingen komme ien foar ien nei foaren ta en knibbelje.*

*De foargonger tekenet in krús op 'e foarholle fan de learling.  
N (doopnamme),*

do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus,



*learling*  
Amen.

*De foargonger leit de hannen op*  
Untfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*learling*  
Amen.

*of*

*foargonger*

Wes seinige

*Hann 2:38; 10:45;*

mei de jefte fan de hillige Geast

*Ef 1:13*

*learling*

Amen.

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

#### GELOFTEN

Do bist doopt mei wetter en Geast  
om tenei Jezus te folgjen  
en mei de hiele tsjerke te beliden  
dat Hy de wei is, de wierheid en it libben.

Wolsto dan stean foar dyn diel  
yn de mienskip dy't gearroppen is  
om de Skriften en de Tafel hinne  
mei lofsang en gebed  
en wolsto dy ûntfermje  
oer alle libbene siel dy't God op dyn wei bringt?

*De foargonger neamt alle learlingen by de namme.*



*learling*  
Ja, dat wol ik.

#### FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet.*

Gemeente, draach *har/him/harren*  
dy't belidenis fan it leauwe ôflein *hawwe/hat*  
en gean mei *har/him/harren* de wei fan it Keninkryk.







**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.  
**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling (eventueel âlden en tsjûgen) en oare  
gemeenteleden bringe elkoar de fredegroet.*

LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*







## Belidenis – Oarder II

*As it kin komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al yn it doopfont getten.*

### UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'  
*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'  
*Mt 28:19-20*

### PRESINTAASJE

*dooptsjûge of âlderling*

Om mei har doop yn te stimmen  
*binne/is hjir yn it hûs fan God*  
*N en N (foarnamme en famyljenamme fan de learlingen)*

*De learlingen komme nei foaren ta.*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*

**BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR**  
*Elkenien stiet.*





### *Earste foarm*

Jimme dy't hjoed mei jim doop ynstimme,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersetse tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme elk slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**



Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**



Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;





leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

Jimme dy't hjoed mei jim doop ynstimme wolle,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en fan ierde.  
En yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden.  
Ik leau yn de hillige Geast,  
de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.**

GELOFTEN

Gemeente, wolle jimme N  
sa goed as jim kinne  
helpe om te groeien yn dit leauwe  
en wolle jim *har/him* helpe om  
Kristus nei te folgen?  
**Ja, dat wolle wy.**





*Elkenien giet sitten; learlingen (en tsjûgen) bliuwe stean.*

Wolle jimme stean foar jim diel  
yn de mienskip dy't gearroppen is  
om de Skriften en de Tafel hinne  
mei lofsang en gebed;  
en wolle jimme jim ûntfermje  
oer alle libbene siel dy't God op jim wei bringt?

*De foargonger neamt alle learlingen by de namme.*

*learling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

Wolsto sa mei dyn doop ynstimme  
en dyn leauwe belide?

*learling*

Ja, dat wol ik.

HANOPLIZZEN

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Ivige, ús God,  
jou wa't Jo namme belide  
en mei har doop ynstimme  
de jeften fan jo hillige Geast,  
dat se in soad fruchten drage.  
Jo komt de hearlikheid ta,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en yn ivichheid.

**Amen.**

*of*

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Ivige, ús God,  
foar wa't Jo namme belide  
en mei har doop ynstimme  
bidde wy:  
stjoer jo Geast, de Treaster,  
de Geast fan wisheid en ferstân,  
de Geast fan ynsjoch en sterkte



de Geast fan kennis,  
fan earbied  
en leafde foar jo namme.  
**Amen.**

*De learlingen komme ien foar ien nei foaren ta en knibbelje.*

*De foargonger tekenet in krús op 'e foarholle fan de learling  
N (doopnammen),  
do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus  
learling  
Amen.*

*De foargonger leit de hannen op.*

*Untfang de hillige Geast*

*Joh 20:22*

*learling  
Amen.*

*of*

*De foargonger leit de hannen op.*

*Wês seinige  
mei de jefte fan de hillige Geast  
learling  
Amen.*

*Hann 2:38; 10:45*

*Ef 1:13*

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

#### FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet.*

*Gemeente, draach har/him/harren  
dy't belidenis fan it leauwe ôflein hawwe/hat  
en gean mei har/him/harren de wei fan it Keninkryk.*

**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

*De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.*

**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling (en eventueel âlden en tsjûgen) en oare  
gemeenteleden bringe elkoar de fredegroet.*

LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*



## Formulier foar de iepenbiere belidenis fan it leauwe<sup>1</sup>

Almachtige God, Heit fan alle barmhertichheid, wy tankje Jo deemoedich en mei ús hiele hert foar Jo goedens oan ús en alle minsken bewiisd.

Wy loovje Jo omdat Jo ús makke en beholden hawwe en om alle seinigingen fan dit libben, mar boppe alles om Jo ûn-skatbere leafde, dêr't Jo de wrâld troch ferlost hawwe yn ús Heare Jezus Kristus, om de wegen en middels fan Jo genede en de hoop op Jo hearlikheid.

Lit oprjochte tankberheid yn ús hert wêze, dat wy Jo lof ferkundigje meie, net allinnich mei de lippen, mar mei ús hiele libben, troch ús oan Jo tsjinst te wijen en foar Jo yn rjochtfearlichheid te libjen – troch ús Heare Jezus Kristus, Jo Soan, oan wa't mei Jo en de Hillige Geast alle eare en hearlikheid wêze mei. Amen.

Gemeente fan de Heare, in stikmannich bruorren en susters wolle no yn jimme fermidden persoanlik en iepentlik belidenis fan har leauwe ôflizze, dat hja tenei yn de folle mienskip fan de tsjerke diele meie. Hja wurde dêrtroch oan it Hillich Nachtmiel talitten en drage meiferantwurdlikheid foar de opbou fan de gemeente fan Kristus.

Wy leauwe en belide dat God yn Kristus Syn bern út alle rassen en folken byinoar hellet en har gearfoeget ta ien lichem, dêr't Jezus Kristus it haad fan is en wy de leden.

Yn de Hillige Doop wurdt ús betsjûge en fersegele dat wy yn Gods ferbûn fan genede opnommen binne. Dêrom moatte wy as leden fan Kristus' gemeente doopt wêze. Dan drage wy Syn merk- en fjildteken<sup>2</sup>. Yn it Hillich Nachtmiel, as Kristus ús brea en wyn jout as tekens en segels fan Syn krusige lichem en Syn fergetten bloed, ferbynt Er ús hieltyd op 'e nij ta de wiere mienskip mei Himself en mei-elkoar.

1 Dizze oarder jout ek de mooglikheid foar it dopen fan folwoeksenen. Yn it formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan folwoeksenen (side 92-94) wurdt lykwols mear eksplisyt op de folwoeksendoop yngien.

2 Mei 'fjildteken' wurdt 'banier' bedoeld.





Sa mei Kristus feriene, binne wy roppen om mei wurd en died Him te beliden as Heare en Heilân, en om Gods Keninkryk te ferkundigjen en te ferwachtsjen.

De tsjerkeried is, nei't er jimme leauwe en kennis fan de wierheid hifke hat, mei betrouwen en blydskip yn jim foarnimmen meigien. Dêrom freegje ik jimme, bruorren en susters dy't no belidenis fan it leauwe ôflizze wolle, oerein te kommen en yn tankbere hearrichheid oan de Hillige Skrift en yn mienskip mei it beliden fan de foarfaars<sup>1</sup> op de folgjende fragen te antwurdzjen:

Foarst: Belide jimme te leauwen yn God, de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde, en yn Jezus Kristus, Syn iennichstberne Soan, ús Heare, en yn de Hillige Geast?

Twad: Nimme jimme de ropping oan om, as lid fan de gemeente, dy't God Him yn Kristus ta it ivige libben útkard hat, troch Syn genede tsjin de sûnde en de duvel te striden, jim Heilân yn libben en stjerren te folgjen, Him foar de minsken te beliden en mei blydskip yn Syn Keninkryk te arbeidzjen?

Tred: Wolle jimme yn de mienskip fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân en ûnder har tafersjoch, jimme trou foegje ûnder de betsjinning fan it Wurd en de sakraminten, folhâlde yn it bidden en it lêzen fan de Hillige Skrift, en wolle jimme mei de jeften dy't jim skonken binne, meiwurkje oan de opbou fan de gemeente fan Kristus?

Wat is dêrop jo antwurd, N?

*Antwurd:*

*Ja.*

*De predikant sprekt dan in wurd út de Hillige Skrift: 1 Timoteüs 6:12-16 of Hebréeërs 13:20-21.*

*No wurdt de Hillige Doop betsjinne oan harren dy't net as bern doopt binne.*

*N, ik doop jo yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast. (Amen.)*

Ut krêft fan jim doop en as gefolch fan jim persoanlike belidenis fan it leauwe, ferklearje wy jimme, yn de mienskip fan de Tsjerke fan Kristus, ta belidende leden fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân en noegje wy jimme oan de tafel fan de Heare.

---

1 Sjoch foar dit punt ek de taljochting op de siden 34 en 35.





De God fan alle genede, dy't jimme yn Kristus ta Syn ivige hearlikheid roppen hat, Hy sil jimme tarisse, befestigje, fersterkje en grûnfestje. Sines mei wêze de macht yn alle ivichheid. Amen [1 Petr 5:10,11].

Beminde bruorren en susters yn de Heare, betink altyd – no't jimme troch jim belidenis yn alle foarrjochten fan it lidmaatskip fan de Tsjerke fan Kristus diele meie – dat jimme meiboargers fan de hilligen en hûsgenoaten fan God binne, boud op it fûnemint fan de apostels en profeten, dêr't Kristus Jezus sels de hoekstien fan is, yn Wa't it hiele gebou, fêst gearfoege, ferriist ta in hillige timpel yn de Heare, yn wa't jimme meiboud wurde ta in went fan God yn de Geast [Ef 2:19-22].

Gemeente fan Jezus Kristus, no't jimme de belidenis fan dizze bruorren en susters heard hawwe (en tsjûge west hawwe fan harren doop) en fernommen hawwe dat hja oan it Hillich Nachtmiel talitten binne, rekommandearje wy harren yn jim leafde en soarch as leden oan, dy't ien mei ús binne yn de Heare. Betink de wurden fan ús Heare Jezus Kristus: In nij gebod jou Ik jimme: dat jimme inoar leafhawwe; allyk Ik jimme leafhân haw, sa moatte jimme inoar ek leafhawwe. Dêr sil elkenien oan witte dat jimme dissipels fan My binne, as jimme leafde ûnderinoar hawwe [Joh 13:34,35].

Belide wy ús kristlik leauwe:

Ik leau yn God, de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.

En yn Jezus Kristus, Syn iennichstberne Soan, ús Hear, dy't ûntfongen is fan de Hillige Geast, berne út de faam Maria, dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, deltein yn 'e hel, de tredde deis wer opstien fan 'e deaden, opfearn nei de himel, en no sit oan de rjochterhân fan God, de almachtige Heit, dêr't Er weikomme sil om te oardieljen de libbenen en de deaden.

Ik leau yn de hillige Geast, de hillige, katolike tsjerke, de mienskip fan de hilligen, de ferjouwing fan de sûnden, de ferrizenis fan it lichem en it ivige libben. Amen.

Lit ús bidde:

Almachtige en trouwe God, dy't beloofd hawwe om Jo tsjerke op ierde oerein te hâlden en dy't yn Jo leafde ek dizze





bruorren en susters roppen hawwe om Jo te beliden en te tsjinjen, wy bidde Jo: fermearderje yn harren de genede fan de Hillige Geast, dat hja oanwinne meie yn it leauwe en trou bliuwe meie yn de leafde ta Jo.

Heare Jezus, grutte Hoeder, wol ek dizze skiep fan Jo keppel feilich liede en, mochten se ea opskrokken wurde troch besiking en ferfolging, wol dan har swakke krêften sterkje en harren behâlde, dat hja net ôfdwale.

Behoedzje harren en ús allegearre, dat wy ienris nei folbrochte striid yn de freugde fan Jo Keninkryk yngean meie om mei elkenien dy't Jo Namme beliidt, Jo te loovjen en te tsjinjen yn hearlikheid.

Us Heit, Dy't yn de himelen binne,

Jins Namme wurde hillige;

Jins Keninkryk komme;

Jins wollen barre allyk yn de himel sa ek op ierde;

jou ús hjoed ús deistich brea;

en ferjou ús ús skulden,

allyk ek wy ferjouwe ús skuldners;

en lied ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan de kweade;

want Jowes is it Keninkryk

en de krêft

en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

# Belidenis (en doop) fan folwoeksenen en doop fan bern – Oarder I

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

## UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

## PRESINTAASJE

*tsjûge of âlderling*

Hjir yn it hûs fan God  
binne *N* en *N* (*foarnamme en famyljenamme fan alle  
learlingen*)

*De dopelingen komme nei foaren ta.*



*foargonger*

Wat begearst do?

*dopeling*

Dat ik doopt wurd.

*of*

*foargonger*

Wolsto doopt wurde

yn de namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast?

*dopeling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

En mei hokker namme wolsto doopt wurde?

*dopeling*

*N (doopnamme)*

*foargonger*

Mei dizze namme skreaun stean

yn de hânpalm fan God.

*Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*

*De oare learlingen komme nei foaren ta.*

*foargonger*

Wat begearsto?

*learling*

Ik wol mei myn doop ynstimme

en myn leauwe belide.

*of*

Wolsto mei dyn doop ynstimme en dyn leauwe belide

yn de namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast?

*learling*

Ja, dat wol ik.

*tsjûge of âlderling*

Ek is/binne hjir ynbrocht

*N (ropramme), dochter/soan fan N en N*

*De doopâlden komme nei foaren ta (de tsjûgen jouwe har der by).*





*foargonger*

Wat begeare jimme?  
*âlden (en tsjûgen)*  
Dat ús/dit bern doopt wurdt.

*of*

*foargonger*

Wolle jimme dat *jim/dit* bern doopt wurdt  
yn de namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast?  
*âlden (en tsjûgen)*  
Ja, dat wolle wy.

*foargonger*

En mei hokker namme sil *se/er* doopt wurde?  
*âlden (en tsjûgen)*  
*N (doopnammen)*

*foargonger*

*Mei dizze namme/meie dizze nammen skreaun stean*  
yn de hânpalm fan God. *Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*



DOOPGEBED

*Elkenien stiet.*

Lit ús bidde.  
*... gebedsstilte ...*  
Hillige God,  
Jo dy't binne sa't Jo binne  
en oarder yn de gaos skeppe,  
dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre  
en ús ta in libben yn frede wekker roppe –  
lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine  
en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach  
op de weagen fan Jo grime droegen  
en ta de berch fan it behâld opheven –  
wês ús genedich, stjoer ús in teken,  
in griene tûke fan nij libben  
ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See



foar de slaven knibbelje lieten,  
sadat se as frije minsken, sjongend,  
by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gear  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
lén útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jordaen  
foarteken fan syn dea –,  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.  
**Amen.**

*Karteksten 4-7*

#### BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

##### *Earste foarm*

Jimme dy't hjoed de doop ûntfange wolle,  
jimme dy't mei jim doop ynstimme wolle,  
jimme dy't jim bern dope litte wolle,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?  
**Ja, dat wol ik.**

*of*



Wolle jimme de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jimme alle slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jimme yn de hillige Geast;  
leauwe jimme de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

### *Twadde foarm*

Jimme dy't hjoed de doop ûntfange wolle,  
jimme dy't mei jim doop ynstimme wolle,  
jimme dy't jim bern dope litte wolle,



en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliddt, de ieuwen troch:

**Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en fan ierde.  
En yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden.  
Ik leau yn de hillige Geast,  
de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben. Amen.**

*Elkenien giet sitten; alle learlingen en âlden/tsjûgen bliuwe  
stean.*

#### DOOP EN HANOPLIZZEN

Lit ús bidde.  
*... gebedsstilte ...*  
Ivige, ús God,  
jou wa't Jo namme belide  
en de doop ûntfange of mei har doop ynstimme  
de jeften fan jo hillige Geast,  
dat se in soad fruchten drage.  
Jo komt de hearlikheid ta,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en yn ivichheid.  
**Amen.**



*of*

Lit ús bidde  
 ... *gebedsstilte* ...  
 Ivige, ús God,  
 foar wa't jo namme belide  
 en de doop úntfange of mei har doop ynstimme  
 bidde wy:  
 stjoer jo Geast, de Treaster,  
 de Geast fan wiisheid en ferstân,  
 de Geast fan ynsjoch en sterkte,  
 de Geast fan kennis,  
 fan earbied  
 en leafde foar jo namme.  
**Amen.**

*De dopelingen komme ien foar ien nei foaren ta en knibbelje.*

N, ik doop dy  
 yn de namme fan de Heit  
 en fan de Soan  
 en fan de hillige Geast.

*dopeling*  
 Amen.



*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de dopeling.*

Do bist in bern fan God,  
 tekene + mei it krús fan Kristus.

*dopeling*  
 Amen.

*De foargonger leit de hannen op.*

Úntfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*dopeling*  
 Amen.

*of*

*De foargonger leit de hannen op.*  
 Wês seinige  
 mei de jefte fan de hillige Geast.

*Hann 2:38; 10:45;  
 Ef 1:13*

*dopeling*  
 Amen.







*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears – oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.

*De oare learlingen komme no ien foar ien nei foaren ta en knibbelje.*

*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de dopeling.*

*N (doopnammen), do bist in bern fan God,*

tekene + mei it krús fan Kristus.

*learling*

Amen.

*De foargonger leit de hannen op.*

Untfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*learling*

Amen.

*of*

*De foargonger leit de hannen op.*

Wês seinige

*Hann 2:38; 10:45;*

mei de jefte fan de hillige Geast.

*Ef 1:13*

*learling*

Amen.

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

## GELOFTEN

Do bist doopt mei wetter en Geast

om tenei Jezus te folgjen

en mei de hiele tsjerke te beliden

dat Hy de wei is, de wierheid en it libben.

Wolsto dan stean foar dyn diel

yn de mienskip dy't gearroppen is

om de Skriften en de Tafel hinne





mei lofsang en gebed  
 en wolsto dy ûntfermjê  
 oer alle libbene siel dy't God op dyn wei bringt?

*De foargonger neamt alle learlingen by de namme.*

*learling*

Ja, dat wol ik.

#### DOOP EN HANOPLIZZEN BERN

N, ik doop dy  
 yn de namme fan de Heit  
 en fan de Soan  
 en fan de hillige Geast.

*De foargonger leit de dopeling in hân op.*

Do bist in bern fan God,  
 tekene + mei it krús fan Kristus.

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears  
 – oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.

#### GELOFTEN

*foargonger*

Sa is de namme fan dit bern no ferienige  
 mei de Namme fan de trije-ienige God.

*tsjin de âlden (en tsjûgen) elk foar oar*

Wolle jim N (en N)  
 ûntfange as in bern/bern fan God  
 en jimme troch har/syn bywêzichheid  
 yn jim hûs (en libben)  
 sterkje litte yn it leauwen?  
 En wolle jimme har/him foargean  
 op it paad dat de Hear foar ús sljochte hat?

*De foargonger neamt de âlden (en tsjûgen) by de namme.*



âlden (en tsjûgen)

Ja, dat wolle wy.

#### FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet.*

Gemeente, draach yn jim gebeden  
*harren dy't doopt binne, him/har dy't doopt is*  
en *harren/har/him dy't belidenis*  
fan it leauwe ôflein *hawwe/hat*  
en gean mei *harren/har/him* de wei fan it Keninkryk.

**Wolkom, bern fan God,  
wolkom yn de tsjerke fan Kristus,  
oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling, doopâlden (en tsjûgen) en oare  
gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

#### LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*



## Belidenis (en doop) fan folwoeksenen en doop fan bern – Oarder II

*As it mooglik is komt elkenien om it doopfont hinne.  
It wetter is al of wurdt no yn it doopfont getten.*

### UNDERWIZING

'Nimmen libbet foar himsels,  
nimmen stjert foar himsels.  
Wy libje en stjerre foar God ús Hear:  
wy binne syn eigendom.'

*neffens Rom 14:7-8*

Us Hear Jezus Kristus,  
dy't himsels dope litten hat  
om oan ús libben en ús dea diel te hawwen,  
en dy't út de dea opstien is  
om ús oan syn libben diel hawwe te litten,  
hat foar syn himelfeart  
de opdracht jûn;

'Gean der dus op út  
en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast,  
en lear har alles nei te kommen,  
wat Ik jimme oplein haw.  
Sjoch,  
Ik bin alle dagen by jimme  
oan de ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20  
Karteksten 1-3*

### PRESINTAASJE

*tsjûge of âlderling*

Om de doop te ûntfangen  
of om mei har doop yn te stimmen  
binne hjir yn it hûs fan God  
N en N (foarnamme en famyljenamme fan alle learlingen)

*De learlingen komme nei foaren ta.*





*tsjûge of âlderling*

Ek is/binne hjir as dopeling(en) ynbrocht  
N (ropnamme), dochter/soan fan N en N

*De doopâlden komme nei foaren ta (de tsjûgen jouwe har der by)*

*foargonger*

Hokker namme hawwe jimme oan dit bern jûn?

*of*

Hokker namme hat dit bern krige?

*âlden (en tsjûgen)*

N (doopnammen)

*foargonger*

*Mei dizze namme/meie dizze nammen skreaun stean*  
yn de hân palm fan God. *Jes 49:16*

*Hjir kin in tsjûgenis fan persoanlike motiven jûn wurde.*

DOOPGEBED

*Elkenien stiet*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Hillige God,

Jo dy't binne sa't Jo binne

en oarder yn de gaos skeppe,

dy't mei jo rêst ús ûnrêst beswarre

en ús ta in libben yn frede wekker roppe –

lit Jo ljocht yn ús tsjusterens skine

en rêd ús hert fan de dea.

Jo dy't de arke fan Noach

op de weagen fan Jo grime droegen

en ta de berch fan it behâld opheven –

wês ús genedich, stjoer ús in teken,

in griene tûke fan nij libben

ûnder Jo bewâld.

Jo dy't it wetter fan de Reade See

foar de slaven knibbelje lieten,

sadat se as frije minsken, sjongend,





by de wâl opklommen –  
lit ús ek sa op wei gean  
nei it lân fan 'e belofte.

Jo dy't út dit folk fan slaven,  
dat ta frijheid roppen waard,  
lên útkeazen om as slaaf te stjerren  
– syn doop yn de Jordaen  
foarteken fan syn dea –  
meitsje foar *N* (en *N*)  
it wetter fan de doop  
ta wetter fan heil,  
dat ús allegear suveret fan skuld  
troch de krêft fan jo Geast,  
dat wy, as op 'e nij berne,  
in nij libben begjinne  
as freonen en folgelingen  
fan Jezus, jo Soan,  
en ienris, as ús tiid kommen is,  
sillich stjerre,  
mei Kristus opsteane  
en foar ivich by Jo burgen binne.

**Amen.**

*Karteksten 4-7*



## BELIDENIS: OFKEAR EN TAKEAR

### *Earste foarm*

Jimme dy't hjoed de doop ûntfange wolle,  
jimme dy't mei jim doop ynstimme wolle,  
jimme dy't jim bern dope litte wolle,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle:

Wolle jimme jim ôfkeare fan alle kwea,  
fan alles dat tsjin de wil fan God yn giet?  
En wolle jimme jim takeare nei Kristus  
en nei syn Ryk dat komt?

**Ja, dat wol ik.**

*of*

Wolle jim de HEARE jim God tsjinje  
en allinnich nei syn stim hearre?

**Ja, dat wol ik.**





Wolle jimme jim fersette tsjin alle machten  
dy't as goaden oer ús hearskje wolle?

**Ja, dat wol ik.**

Wolle jim alle slavejok ôfsmite  
en libje yn de frijheid fan de bern fan God?

**Ja, dat wol ik.**

Leauwe jim yn God de Heit, de Almachtige,  
Skepper fan himel en ierde?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jim yn Jezus Kristus,  
syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast.  
berne út de faam Maria,  
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
krusige, stoarn en begroeven is,  
deltein yn it deaderyk,  
de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
opfearn nei de himel,  
en no sit oan de rjochterhân fan God,  
de almachtige Heit,  
dêr't Er wei komme sil om te oardieljen  
de libbenen en de deaden?

**Ja, ik leau.**

Leauwe jim yn de hillige Geast;  
leauwe jim de hillige, katolike tsjerke,  
de mienskip fan de hilligen,  
de ferjouwing fan de sûnden,  
de ferrizenis fan it lichem  
en it ivige libben?

**Ja, ik leau.**

*Twadde foarm*

Jimme dy't hjoed de doop ûntfange wolle,  
jimme dy't mei jim doop ynstimme wolle,  
jimme dy't jim bern dope litte wolle,  
en jim allegear, dy't jim doop betinke wolle,  
sis tsjin alle kweade machten yn  
wat de tsjerke beliidt, de ieuwen troch:





Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,  
 Skepper fan himel en fan ierde.  
 En yn Jezus Kristus,  
 syn iennichstberne Soan, ús Hear,  
 dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,  
 berne út de faam Maria,  
 dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,  
 krusige, stoarn en begroeven is,  
 deltein yn it deaderyk,  
 de tredde deis wer opstien fan de deaden,  
 opfearn nei de himel,  
 en sit oan de rjochterhân fan God,  
 de almachtige Heit,  
 dêr't Er weikomme sil om te oardieljen  
 de libbenen en de deaden.  
 Ik leau yn de hillige Geast,  
 de hillige, katolike tsjerke,  
 de mienskip fan de hilligen,  
 de ferjouwing fan de sûnden  
 de ferrizenis fan it lichem  
 en it ivige libben. Amen.

#### GELOFTEN

Gemeente, wolle jim *N* en *N*  
 (de foargonger neamt hjir alle learlingen)  
 sa goed as jim kinne  
 helpe om te groeien yn dit leauwe  
 en wolle jim *him/har* helpe om  
 Kristus nei te folgjen?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Elkenien giet sitten; alle learlingen en âlden/tsjûgen bliuwe stean.*

*ta alle folwoeksen learlingen*  
 Wolle jimme dan stean foar jim diel  
 yn de mienskip dy't gearroppen is  
 om de Skriften en de Tafel hinne  
 mei lofsang en gebed  
 en wolle jimme jim ûntfermje  
 oer alle libbene siel dy't God op jim wei bringt?

*De foargonger neamt alle learlingen by de namme.*







*learling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

N, wolsto sa mei dyn doop ynstimme  
en dyn leauwe belide?

*learling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

N, wolsto doopt wurde?

*dopeling*

Ja, dat wol ik.

*foargonger*

En mei hokker namme wolsto doopt wurde?

*dopeling*

N (*doopnammen*).

## DOOP EN HANOPLIZZEN FOLWOEKSENEEN

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Ivige, ús God,

jou wa't Jo namme belide

en de doop ûntfange of mei har doop ynstimme

de jeften fan jo hillige Geast,

dat se in soad fruchten drage.

Jo komt de hearlikheid ta,

Heit, Soan en hillige Geast,

no en yn ivichheid.

**Amen.**

*of*

Lit ús bidde

*... gebedsstilte ...*

Ivige, ús God,

foar wa't jo namme belide

en de doop ûntfange of mei har doop ynstimme

bidde wy:

stjoer jo Geast, de Treaster,

de Geast fan wiisheid en ferstân,





de Geast fan ynsjoch en sterkte,  
de Geast fan kennis,  
fan earbied  
en leafde foar jo namme.  
**Amen.**

*De dopelingen komme ien foar ien nei foaren ta en knibbelje*

N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*dopeling*  
Amen.

*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de dopeling.*

Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*dopeling*  
Amen.

*De foargonger leit de dopeling in hân op.*

Untfang de hillige Geast.

*Joh 20:22*

*dopeling*  
Amen.

*of*

Wês seinige  
mei de jefte fan de hillige Geast.

*Hann 2:38; 10:45;  
Ef 1:13*

*dopeling*  
Amen.

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*

*De diaken kin in doopkleed omlizze*

Nim de nije minsklike natuer oan.

*Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears – oerjaan.*

Untfang it ljocht fan Kristus.





*De oare learlingen komme no ien foar ien nei foaren ta en knibbelje.*

*De foargonger tekenet in krús op de foarholle fan de learling.*

*N (doopnammen), do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.*

*learling*

*Amen.*

*De foargonger leit de learling de hannen op.*

*Untfang de hillige Geast.*

*Joh 20:22*

*learling*

*Amen.*

*of*

*Wês seinige*

*Hann 2:38; 10:45;*

*mei de jefte fan de hillige Geast.*

*Ef 1:13*

*learling*

*Amen.*

*Hjir kin in oare tekst folgje, dy't foar elkenien persoanlik keazen is.*



## GELOFTEN

*foargonger ta de âlden (en tsjûgen) elk foar oar*

*Sizze jim ta dat jimme N (en N),*

*dy't oan jim tabetroud is/binne,  
mei leafde en soarch hoedzje sille?*

*Sizze jim ta dat jimme har/him grutbringe*

*yn de geast fan it evangeelje fan Jezus Kristus*

*en dat jimme har/him yn leafde troubluwe*

*hokker paad se/er yn de takomst ek gean mei/meie?*

*Sizze jim ta dat jimme elkoar en jim bern*

*sa oan God opdrage sille?*

*Hann 15:40; 20:32*

*De foargonger neamt de âlden (en tsjûgen) by de namme*

*âlden (en tsjûgen)*

*Ja, dat sizze wy ta.*

*foargonger*

*Wolle jim dat N (en N) doopt wurdt/wurde?*





*âlden (en tsjûgen)*  
Ja, dat wolle wy.

#### DOOP EN HANOPLIZZEN BERN

N, ik doop dy  
yn de namme fan de Heit  
en fan de Soan  
en fan de hillige Geast.

*De foargonger leit de dopeling in hân op.*  
Do bist in bern fan God,  
tekene + mei it krús fan Kristus.

*De diaken kin in doopkleed omlizze.*  
Nim de nije minsklike natuer oan. *Ef 4:24*

*De diaken kin in doopkears – oanstutsen oan de peaskekears – oerjaan.*  
Untfang it ljocht fan Kristus.

#### FERWOLKOMMING

*Elkenien stiet*

Gemeente, draach yn jim gebeden  
wa't doopt *binne/is*  
en wa't belidenis fan it leauwe ôflein *hawwe/hat*  
en gean mei harren de wei fan it Keninkryk.  
**Wolkom, bern fan God,**  
**wolkom yn de tsjerke fan Kristus,**  
**oer de hiele wrâld en yn ús fermidden.**

De frede fan de Hear mei altyd mei jim wêze.  
**En mei jo geast.**

*Foargonger, dopeling, doopâlden (en tsjûgen) en oare  
gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

#### LOFLIET

*Lietesuggestjes siden 171-176*





# Karteksten

## Underrjocht

### *1 De belofte fan it ferbûn*

Om de hiele ierde sjen te litten wa't Er is, hat God him in folk útkard yn Abraham, Izaäk en Jakob en har neiteam. Mei dat folk sleat God in ivich ferbûn, dêr't it erfgenamt fan syn belofte troch waard. Middenmank de folken wie dat iene folk net langer rjochte op wat foar eagen is, mar op it Wurd fan God, dat spriek fan in lân dat oerrint fan molke en huning, en fan in freugdemiël foar alle folken op de Sion. God joech opdracht om de manlju fan dat folk as teken fan it ferbûn te besnijen. Troch de besnijenis is it Joadske folk God sichtber tawijd. De besnijenis lit sjen dat Israel net neffens it flêsk libbet, mar mei it each op de belofte.

Yn syn belofte fan it ferbûn mei Abraham betocht God alle folken fan de ierde. Trou oan syn ferbûn stjoerde Er dêrom ta ús heil syn soan Jezus Kristus. Dy is soan fan Israel en partet yn it ferbûn fan God mei syn folk mei. Hy waard besnien en hat syn besnijenis ferstien as belofte en opdracht. Om ús te rêden hat Hy, dy't sûnder sûnde wie, him ûnder sûnders jûn dy't bekearing fan nedens binne. Hy is nei Johannes tagien by de Jordaan en hat de doop fan de bekearing ta ferjouwing fan sûnden ûndergien. Mei syn ûndergong yn it Jordaanwetter oanfurdige Hy it amt fan Middeler en naam Er syn krús op him. Hy joech syn libben ta folsleine fermoedsoening fan al ús sûnden en sadwaande waard Hy de besniene fan hert.

De tsjerke út de folken hat Kristus hjitten har ta syn learlingen te meitsjen troch harren te dopen yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast, en harren te learen dat se har te hâlden hawwe oan alles wat Hy hjitten hat. Sa wurde ek hja erfgenamten fan de belofte oan Abraham en syn folk. Troch de doop mei wetter binne se God sichtber tawijd. Dêrom wurde wy en ús bern doopt yn de Namme fan de trije-ienige God: fan de Heit, omdat Hy de God is fan it ferbûn; fan de Soan, omdat Kristus it ferbûn mei syn bloed besegele hat; fan de hillige Geast, omdat Dy ús alles wat de Soan sein hat, leart en yn 't sin bringt. Sa wurde wy laat ta de belofte en it libben yn tankberens.





## 2 Doopt yn de namme fan de trije-ienige God

By syn himelfeart hat ús Hear Jezus Kristus syn apostels de opdracht jûn: 'Gean der dus op út en meitsje alle folken learlingen fan My, doop harren yn 'e namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast en lear harren alles nei te kommen, wat Ik jimme oplein haw.' (Mt 28:19). Hearrich oan dy opdracht wurdt yn tsjerke de hillige Doop betsjinne oan lytse en grutte minsken.

Wy betinke it wurd fan de apostel Johannes: 'Sjochris oan, hoe'n grutte leafde de Heit oan ús bewiisd hat, dat wy syn bern hjitte meie, en wy binne it ek! (1 Joh 3:1). Wa't doopt wurde yn de namme fan de Heit ûntfange it teken en segel fan it ferbûn fan syn genede: wy meie syn bern wêze en hjitte erfgenamten fan de belofte. Dat is ús heil en ús behâld.

**Wy tankje de Hear, ús God.**

Wy betinke it wurd dat ta de apostel Paulus sprutsen is: 'Kom oerein, rop Him oan en lit jo dope en jo sünden ôfwaskje' (Hann 22:16). Wa't doopt wurde yn de namme fan de Soan, ûntfange it teken en segel fan it ôfwaskjen fan al har sünden troch it bloed fan Jezus Kristus: yn de mienskip fan syn dea en opstanning binne wy rjochtfeardich foar God. Dat is ús heil en ús behâld.

**Wy tankje de Hear, ús God.**

Wy betinke it wurd dat de apostel Petrus sprutsen hat op de pinksterdei: 'Bekear jimme, en dan moat elk fan jimme him dope litte mei it neamen fan de namme fan Jezus Kristus om ferjouwing fan sünden te krijen. Dan sil jimme de hillige Geast skonken wurde' (Hann 2:38). Wa't doopt wurde yn de namme fan de hillige Geast, ûntfange de belofte dat de hillige Geast yn har wenje wol: Hy sil ús fol meitsje fan ûntsach foar de HEARE, dat wy ús net fan Him ôfkeare (Jer 32:40). Dat is ús heil en ús behâld.

**Wy tankje de Hear, ús God.**

## 3 Seinige de Namme fan de Hear

Us Hear Jezus Kristus  
hat nei syn ferrizenis út de deaden  
tsjin syn learlingen sein:  
'My is alle macht jûn  
yn 'e himel en op 'e ierde.  
Gean der dus op út





en meitsje alle folken learlingen fan My,  
doop harren  
yn de Namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige  
Geast, en lear harren alles nei te kommen,  
wat ik jimme oplein haw.  
Sjoch, Ik bin alle dagen by jimme  
oan 'e ein fan de tiden ta.'

*Mt 28:19-20*

**Seinige de Namme fan de Hear.**

De apostel Paulus seit:  
'Wy binne mei Jezus Kristus begroeven  
troch de doop yn syn dea,  
dat lykas Kristus út 'e deaden opwekke is  
troch de hearlike macht fan de Heit,  
sa ek wy in nij libben lizze soenen'.

*Rom 6:4*

**Seinige de Namme fan de Hear.**

Hy hat jimme troch de Geast sa laat,  
dat yn jimme herten de langst groei is  
om Kristus nei te folgjen op syn wei  
en jim libben, út krêft fan it evangeelje, te fernijen.  
Yn de doop wurde jimme mei de Hear  
en mei syn tsjerke ferbûn.

**Seinige de Namme fan de Hear.**

Yn de doop lit God jim werberne wurde  
út it wetter en de hillige Geast  
en binne jimme suvere  
troch it bloed fan Kristus.

**Seinige de Namme fan de Hear.**

Yn de doop wurde jimme salve  
mei de jeften fan de hillige Geast, de Treaster,  
de geast fan wiisheid en ferstân,  
de geast fan ynsjoch en sterkte,  
de geast fan kennis en earbied,  
de geast fan leafde foar de Hear.

*Jes 11:2*

**Seinige de Namme fan de Hear.**

Troch de doop sille jimme krêft ûntfangje  
om tsjûge fan Kristus te wêzen  
wêr't Er jim ek mar ropt,  
hjoed en alle dagen fan jim libben.

**Seinige de Namme fan de Hear.**





## Doopgebed

### 4 *In heilsume sündfloed*

Almachtige, ivige God, –

Jo, dy't troch de grutte wetterfloed  
de ûnleauwige wrâld  
neffens jo rjochtfeardich oardiel  
ferwurpen hawwe,  
en de leauwige Noach mei syn folk  
yn jo grutte barmhertichheid  
behâlden hawwe;

Jo, dy't de ferhurde farao mei syn hiele leger  
yn de Reade See ferdronken hawwe  
en jo folk Israel mei droege fuotten  
der troch hinne gean lieten  
(en dêrmei in teken jûn hawwe  
dat foarút wiist nei jo hillige Doop);

ja Jo, dy't troch de doop fan jo leave Soan  
ûs Hear Jezus Kristus,  
de Jordaen en alle wetter  
hillige en ornearre hawwe  
om as in heilsume wetterfloed  
ûs sûnden alhiel ôf te waskjen, –

wy bidde Jo dat Jo yn jo ûneinige barmhertichheid  
N en N genedich oansjen wolle  
en harren troch jo hillige Geast  
ynliivje wolle by jo Soan Jezus Kristus;  
dat se mei Him yn syn dea begroeven wurde  
en mei Him opstean meie yn in nij libben;

dat se, as syn neifolgers,  
alle dagen harren krús fleurich drage meie,  
en Him oanhingje mei in wier leauwe,  
in fêste hope  
en in brânende leafde;

dat se dit fergonklike libben  
troch Jo treastge ferlitte meie





en de einichste dei foar de rjochterstoel fan Kristus,  
sûnder ferskrikken ferskine meie:

troch Him, ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
dy't mei Jo en de hillige Geast, ien ienich God,  
libbet en regearret yn ivichheid.

**Amen.**

### 5 *In oerfloed fan heil*

O God, Jo hillige, ivige,  
Hear fan alle machten! –

de grutte floed oer de wrâld  
as in rjochtfeardich oardiel,  
dat is dêr't wy bang foar binne;  
mar Jo binne de God fan Noach  
en fan it behâld fan alle skepsels...  
De grutte ôfgoadyske macht, de fijân fan jo bern,  
hawwe Jo ûndergean litten  
yn de Reade See fan 'e befrijing,  
mar Israel, jo folk,  
hawwe Jo troch alle djippte hinne laat...  
Jo hawwe yn 'e wei dy't jo Soan,  
ús Hear, yn syn doop gien is,  
ek de deads-Jordaan hillige,  
en alle wetter dat ús oerweldiget,  
reinigje Jo ta in oerfloed fan heil;  
sa bidde wy dan:

**Hear, ûntfermje Jo!**

Untfermje Jo, Hear, oer N, –  
jo leafde is net te bedjipjen  
en jo ûntferming is de ein fan wei;  
wy bidde Jo,  
dat Jo harren yn genede oansjen wolle  
en troch jo hillige, skeppende Geast  
ien meitsje mei jo Soan,  
de Minske fan Peaske.

Lit harren en jo hiele gemeente  
mei de Messias begroeven wurde  
yn 'e deadsdjippte fan syn Peaske;



lit harren en jo hiele gemeente  
 mei de Messias opstean ta in nij libben;  
 lit harren en jo hiele gemeente  
 it messiaanske skaaimerik drage,  
 fjildteken fan jo Keninkryk,  
 en lit harren libje  
 al har dagen  
 achter ús Foargonger oan,  
 mei in wier leauwe,  
 mei goede hoop  
 en mei in brânende leafde;

ja, lit harren en ús allegearre  
 mei jo treast  
 en sûnder frees  
 dit libben ferlitte, om yn te gean  
 en te ferskinen foar  
 de Messias op syn rjochterstoel  
 op 'e einichste dei.

Sa bidde wy troch Him,  
 Jezus de Hear,  
 dy't mei Jo, Heit,  
 en de hillige Geast,  
 ús iennige God,  
 libbet en regearret yn ivichheid.  
**Amen.**

*6 Ut it wetter fan need en dea*

Jo moatte wy tankje, HEARE ús God,  
 omdat Jo Josels op libben en dea  
 mei ús ferbûn hawwe.

Jo hawwe de ierde ta wêzen roppen  
 út it wetter fan de ôfgrûn.  
 Jo hawwe mei jo skepping in nij begjin makke  
 troch it wetter fan de sûndfloed.

Jo hawwe jo folk Israel út de slavernij rêden  
 en nei it lân fan 'e belofte brocht,  
 troch it wetter fan de Reade See.  
 Jo hawwe ús jo Soan oanwiisd,




doe't Er ûnderdompele waard  
yn it wetter fan de Jordaan.  
Jo hawwe Him opwekke út 'e dea  
as de earstling fan jo takomst.  
Jo bringe troch Him in gemeente byinoar,  
doopt yn syn doop,  
mei Him stoarn en opstien,  
libjend troch syn Geast,  
op wei nei syn takomst,  
as earstling fan de hiele skepping.

Wy bidde Jo no foar *N* en *N*  
dy't de doop ûndergean sille  
rêd ek harren libben  
út it wetter fan need en dea,  
nim harren oan as jo bern,  
lied en bewarje harren troch jo Geast  
jou harren minsken dy't har foargeane  
yn trou oan Jo en jo gemeente,  
lit harren oanwinne  
yn leauwe, hope en leafde,  
dat it bliken docht  
dat hja mei Jo yn it ferbûn steane,  
libbene leden fan it lichem  
fan Jezus Kristus jo Soan,  
mei Jo en de hillige Geast  
priizge oant yn ivichheid.  
**Amen.**

### 7 *De do fan de Jordaan*

Ivige God, wy seinigje Jo  
dat Jo Noach út de sûndfloed rêden,  
Israel út de Reidsee befrijd  
en Jezus út de Jordaan opwekke hawwe.  
Wol ús, bidde wy,  
ek sa oan it ljocht bringe  
út it wetter fan de dea  
om op te stean ta libben  
dêr't Jo wolbehagen yn hawwe.  
Stoart oer *N*,  
dy't yn dit wetter doopt wurde sil  
jo hillige Geast út,



dy't sweeft boppe it wetter,  
– de do fan de Jor­daan –  
dat yn *har/him/harren*  
de oertsjûging groeit  
fan Jezus Kristus, us Hear.  
**Amen.**

# Lietesuggestjes

## *Ofkoartingen fan lietebondels*

LfdT Ps	Lieteboek foar de Tsjerken: Psalm
LfdT Gs	Lieteboek foar de Tsjerken: Gesang
Tb I	Tsjinstboek – <i>in oanset</i> , diel I Skrift – Miel – Gebed
TB II	Tsjinstboek – <i>in oanset</i> , diel II Libben – Seine – Mienskip
Tt	Tuskentiden
Trs	Tusken rein en sinne
WG	Wylde Goes

**Plak yn de oarder Earste rigel**

foar de presintaasje

Sa't in ree, fan toarst ferlegen  
 O Hear, nim sels myn saak yn hannen  
 Loovje de Heare, bliid fan herte  
 De Treaster komt  
 Doe't Jezus foar it wetter stie  
 Hear, wol ús wifkjen ferjaan  
 Mei Mozes binn' wy ûnderweis  
 Dyn libben stiet oan it begjin  
 Johannes doopte by de Jordaan

Yn 'e skurte fan mem  
 Hjoed is 't feest  
 Wy steane om dy hinne  
 Dyn heit en dyn mem ha dy winske

by it doopûnder-  
rjocht

Erbarming, Hear, erbarming  
 Sjong foar de Hear in nij gesang  
 De wrâld is grut en kwea  
 Dy't ta dit wetter yngiet  
 Nimmen libbet foar himsels

by it doopgebed

O God, waans hân oer alles giet  
 Jezus, Hear oer alle gearre

as belidenis fan it  
leauwe

Wy belide ien en mien  
 Wy leauwe dat de Hear ús Heit is

(lof)liet nei de doop

Tankje de Heare  
 Ik rôp oan de Heare yn 'e benaudens  
 Myn God binn' Jo, Jo wol ik tankje  
 Fontein fan goed, o libbens welle  
 No skept de hill'ge Geast  
 It wetter fan 'e grutte floed  
 Jo hillich wurd, o Heare  
 It âlde libben is foargoed fergien  
 Wêrom moast ik jo stim ferstean?  
 De Hear seach nei my om  
 Wurdt hjir in minske berne  
 O God, dy't út it wetter  
 Johannes doopte by de Jordaan

Stim as in see fan minsken  
 Lyts, lyts berntsje  
 No bisto doopt





<b>Bondel</b>	<b>Opmerkingen</b>
LfdT Ps 42	
LfdT Ps 43	
LfdT Ps 66	
LfdT Gs 77	
LfdT Gs 165	
LfdT Gs 340	doop fan folwoeksenen
Tt 25	
Tt 99	seiniging fan tatebern
Tb II, s. 174 (ZG I/II, 73 = VII, 69)	
Wg 35	
Trs 36	
Trs 37	
Trs 40	
LfdT Ps 51	doop fan folwoeksenen
LfdT Gs 225	doop fan folwoeksenen
Tb II, s. 175 (ZG I/II, 69)	
LfdT Gs 339	
Tt 80	
LfdT Gs 338 (kontraf. LfdT Gs 86)	
LfdT Gs 345	
Tb II, s. 176 en Tt 96	
Trs 48	
Tb I, Psalm 118-I, antifoan I	
Tb I, Psalm 118-I, antifoan II	
Tt 41 (Psalm 118)	doop fan folwoeksenen
LfdT Gs 87	doop fan folwoeksenen
LfdT Gs 247	doop fan folwoeksenen
LfdT Gs 337	
LfdT Gs 341	belidenis (en doop) fan folw.
LfdT Gs 343	doop fan folwoeksenen
LfdT Gs 484	belidenis fan folwoeksen
LfdT Gs 487	
Tt 78	doop fan folwoeksenen
Tt 100	
Tb II, s. 174 (ZG I/II, 73 = VII, 69)	
Tt 101	belidenis (en doop) fan folw.
Trs 38	
Trs 39	





## Johannes doopte by de Jordaen

1 Jo-han-nes doop-te by de Jor-daen  
 en rôp: "Jim moatt' op-nij be-gjin-ne,  
 wa't doart te fer-lie-zen dy sil win-ne,  
 wa't win-ne wol moat al-les jaan."

- 2 Hy doopte Jezus yn 'e Jordaen.  
 Sa koe de Hear opnij begjinne  
 en hat Er ús as de minste tsjinne,  
 Hy woe syn libben foar ús jaan.
- 3 Wa't doopt wurdt mei de hillige Geast,  
 mei troch de Hear him liede litte,  
 hy sil dêrom nea de hoop ferjitte,  
 dy't him besielet aldermeast.
- 4 Hy wit, strak komt dy hearlike moarn  
 en al wat driget sil ferdwine.  
 Dan sil yn it tsjuster 't ljocht wer skine  
 en krijt de minste plak foaroan.

*tekst* Karel Deurloo 'Johannes doopte bij de Jordaen'  
*oersetting* Jacobus Knol  
*meldij* Willem Vogel

Begelieding: 'Zingend Geloven' II, 73 / VII, 69





## De wrâld is grut en kwea



1 De wrâld is grut en kwea,  
it wet - ter djip en kâld;  
sa ûn - fer - bid - lik is de dea,  
as net in stim ús rôp,

2 ús rôp om op te stean,  
en dat is Jezus' stim.  
Wêr soene wy oars hinne gear?  
Wy hearre dochs by Him.

3 De Heare Jezus giet  
mei wa't Er leafhat mei  
troch al wat stiet en wat fergiet  
en troch de see op wei,

4 al sûnt de memmelea  
- begjin sa tear en fyn -  
en troch de doop en troch de dea  
it nije libben yn.

*tekst* Jan Willem Schulte Nordholt 'De wereld is zo groot'  
*oersetting* Atze Bosch  
*meldij* Rijk Jansen

Begelieding: 'Zingend Geloven' II, 69

## Wy belide ien en mien



1 Wy be - li - de ien en mien  
dat de Hea - re  
ús God is, Hy en oars gjin - ien,  
sjong syn ea - re.

- 2 Wy belide dat de Hear  
Jezus Kristus  
foar minsken stoarn en opstien is.  
Halleluja!
- 3 Wy belide dat de Geast  
út genede  
de wrâld fernijt en herten treast:  
ivich frede.

*tekst* Joke Ribbers 'Klein Credo'  
*oersetting en meldij* Bernard Smilde

Begelieding: 'Tussentijds, Begeleidingen': 96 (Kok / Boekencentrum)

MIEL  
fan  
de  
HEAR



